




# 't Skieppesturtsje

40 jier



Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.  
jubileummedysje, maart 2017

# *Ynhâld en Kolofon*

3. Van de redactie
4. Oersjoch fan redaksjeleden sùnt de oprjochting mei hir en dêr in weromtinken
9. Us Skieppesturten komme "uit een weinig bekend bedrijf"
10. Earegalerij fan ús Skieppesturten
20. Jubileumskieppesturt 2016 foar stille wurkers, hoewol...
23. In oantinken aan in strange winter
25. Korps Eensgezindheid 95 jier
25. Ympresje by sierlik winterwaar en in iisklup dy't 140 jier bestiet
26. Iisklup Tsjerkwert 140 jier
27. 60+-SooS bijna 50 jaar jong
28. Biljartvereniging HTS op naar de halve eeuw
28. Tsjerkwerter Weissenseegongers aktyf yn de alternative Alvestêdetocht 2017
29. In sjongend folk giet nea ferlern – tsjerkekoar fan Tsjerkwert Dedzjum en omkriten 60 jier
30. Ljipaaisykjen fan jierliks firus nei beskermde status sùnder kriich
32. Werkgroep Cultuur Tjerkwert
33. Uitnodiging Doden herdenking
34. EHBO vereniging Tjerkwert 60 jaar
35. Dorpsbelang Tsjerkwert e.o.
38. "Dy polder moat droech ..."
39. Oranjevereniging "Meiinoar ien"
40. Stichting Windkracht Tien
41. Winkelje yn it âlde Tsjerkwert
50. De Tsjerkwerter herbergen – De Harmonie en De Houten Ferdommenis
56. Even voorstellen
57. Resultaten WMO-platform Súdwest-Fryslân
60. Tsjerkwert, it doarp bylâns de Trekfeart yn foto's

## **Redaksje-adres:**

Mireille Galema  
Dyksicht 2  
8765 LX Tsjerkwert  
 0515-579338  
e-mail: [itskieppesturtsje@gmail.com](mailto:itskieppesturtsje@gmail.com)

### **Redaksje:**

<b>Gerben D. Wijnja</b> Sylroede 6 0515-579348	<b>Riemkje Swart</b> Sylroede 5 06-20768218	<b>Fokko Rollema</b> Singel 8a 0515-857212	<b>Jan Witteveen jr</b> Waltaweg 47 0515-579698
--	---	--	---

**Lay-out : Gerben D. Wijnja**

**Einredaksje: Gerben D. Wijnja**

**Druk: Utjouwerij Masijs, De Jouwer**

**Kopij foar it neiste nûmer: graach foar1 juny tastjoere**

### **Frijwillige bydragen**

Bydragen kinne oermakke wurde op ús rekkennûmer NL34ABNA0847668398 mei it neamen fan "Bydrage it Skieppesturtsje" en it jier wat it oangiet. Bankrelasje: ABN/AMRO bank Bolsward

**'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten.**

**Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje.**



## Van de redactie

*Wa't in jubileum belibbet fier dat en as redaksje wolle wy ús 40-jierrick bestean dan ek net samar foarby gean litte. Dêrom is der keazen foar in bysûnder nûmer, in glimmer of glossy op grut formaat sa't wy dat earder ek diene mei bysûndere nûmers. Wy binne mei ús doarpskrante wol mei de tiid meigien en litte dat ek sjen mei dit boekwurkje dat ûnder de lêzers grif in heech bewargehalte hawwe sil. As redaksje binne wy der yn elk gefal tige grutsk op.*

*It moaie is dat er yn ditselde jier noch mear jubilarissen yn Tsjerkwert omrinne. De âldste is sûnder mis de iisklup dy't mar leafst 140 jier bestiet. Wy ha út harren rike skiednis in bysûnder winterjier beskreaun. Fiif jier jonger is de Beabuorstermole. Yn 1882 is dizze monumintale mole boud en noch altyd slacht er it wetter út. Oer de mole is yn de ôfrûne 40 jier faak rapportearre. Wy jouwe in oersjoch. En dan komt it korps aan bar mei 95 jier, ek al in âlde baas yn ús fermidden. Mar dêr hâldt it noch net mei op. It tsjerkekoar bestiet 60 jier. Like lang as de EHBO-feriening.*

*Krekt noch gjin jubileum, mar it neamen wol wurdich binne de 60+ Soos en de biljertferiening dy't beide tsjin de 50 rinne. Wy sjogge yn dit bysûndere nûmer ek werom op ús ferline en dogge dat mei ynkommen skriuwen fan in stikmannich âld-redaksjeleden. Dêryn is werom te lêzen hoe't de doarpskrante har yn de rin fan de jierren ûntjûn hat. Wy helje ek alle Skieppsturten noch ien kear nei foaren. Alle jierren krije minsken dy't de heechste ear fan 't doarp fertsjinje in Skieppesturt mei oarkonde oanbean foar alle goede dingen dy't hja by de ein hân hawwe. En dat giet al sa sùnt 1978 doe't ús ferneamde doarpsomropper Freark Schakel him krige. Soms in ienling, dan wer twa of sels in hiele groep. Hiel inkeld krigie in persoaen him foar de twadde kear. Sa mooglik ha wy besocht der passende foto's by te sykjen, mar dat slagge net altyd sa't wy dat graach woene. Hawar it oersjoch is in goede bedoeling om al dy warbere Skieppesturten foar ivich yn ús ûnthâld fêst te lizzen as ien grutte mienskiplike grutskens.*

*Ek neame wy yn in oersjoch alle aaisikers dy't harren earste aai oanbean hawwe aan de redaksje. Sûnt 1981 wie dat tradysje wurden, mar troch rigeljouwing fan boppen ôf is dêr dit jier offisjeel in ein oan kommen. Allinne it earste aai fan de gemeente mei noch fûn wurde. Dêrnei is it dien en kin der allinne noch neisoarch ferliend wurde. Dêrtroch bliwt de redaksje mei lege hannen achter, mar folle slimmer is it foar de fjildpommeranten dy't de striid om it earste no misse moatte. In nûmer as dit kin net út eigen fermogen betelle wurde. Wy sizze Windkracht 10 en in anonime skinker tige tank foar harren rynske jeften. Tegearde mei de advertearders, dy't spesaal foar dizze úitjefte in bydrage taseinen, koe it ús slagje dizze jubileumedsje finansjeel te realisearjen. Wy sizze harren dêrfoar tige tank. Ek tank oan elkenien dy't mei teksten, ynformaasje of foto's bydroegen hat oan dit bysûndere nûmer. Wy winskje jim in protte lês- en sjochwille..*

*Ut namme fan de redaksje, Gerben D. Wijnja*

### **Der binne fierder vrijwillige bydragen binnenkommen fan:**

Mts Hijkema-Hettema; F. Vinke; A. de Haan; W.M. de Jong eo; T. Burghgraef eo; W.CJ Poelstra; T.R. Speerstra; B.R. Bakker; J.S. Reitsma eo; J. Gaastra-Holtrop eo; J. Kroontje eo; G. Folkertsma eo; W.J. Hofman; S. Breeuwsma eo; R. Steur eo; M. Brandsma CJ; A. Gietema-van Wieren; A. Feenstra eo; K. Talsma-Abma; G. Dijkstra eo; W. de Jong; W. Poelstra CJ

*Ut namme fan de redaksje tige tank foar jim bydrage!*

*Bydragen kinne oermakke wurde op ús rekkennûmer NL34ABNA0847668398 mei it neamen fan "Bydrage it Skieppesturtsje" en it jier wat it oangiet. Bankrelasje: ABN/AMRO bank Bolsward.*

*De redaksje Anno 2017. F.l.n.r. Fokko Rollema, Mireille Galema, Gerben D. Wijnja, Riemkje Swart en Jan Witteveen jr.*



# Oersjoch fan redaksjeleden sūnt de oprjochting yn 1977 mei hjir en dêr in weromtinken

**J**iergong 1 sette yn 1977 op fersyk fan Doarpsbelang útein mei de publikaasje fan in doarpskrante ûnder de namme 't Skieppesturtje. Yn de earste gearkomst sieten Henny Leicht, Wyke Blanksma-V.d. Witte, Jan Melchers, Rients van Buren en Jan Dijkstra. Yn it jier dêrop wie der al in wijsel. Marten Kikstra kaam foar Henny Leicht yn 'e redaksje om't hja ferhuze. Jan Melchers ferhuze nei oardel jier ek en doe kaam Sytske Dijkstra der yn.

## Sytske oer har tiid yn de redaksje:

39 jier ferlyn kwam ik yn 'e redaksje. Hjirby skriuw ik op wat my it earst te binnen sjit, oars kin ik de hiele krante wol fol skriuwe. Fergaderingen wiene altyd gesellich. Earst even alle kopij trochnimme en dan sei Kikstra: "De famkes moatte mar even foar plaatsjes soargje, dan skink ik in slokje yn" en dan ... kamen de snypsnaren . Ja, Richtsje en ik hiene ús eigen argf mei sels útknipse plaatsjes. As de siden stensille wiene, leine wy se neist elkoar op 'e tafel en rûnen dan allegearre om de tafel om der stapeltsjes fan te meitsjen. Elk stapeltsje gie dan yn it laadtsje fan Ineke Dijkstra omdat dat sa goed fouwe woe! Dérnei snijden wy se rjocht ôf. Elts brocht de Skieppesturten yn syn eigen buert rûn.

Ien fan de hichtepunten wie de útrikking fan De Skieppesturt fan dat jier! Mei it tillefoanboek der soms by, waard der ien útsocht. Fan te foaren giene wy nei Alie Poelstra, dy' t dan de hege huodden fan 'e begraffenisferiening ûnder it bêd weihelle. Wy pasten se dan en mochten se liene foar de útrikking, uteraard mei de skiepfechten aan fan Rients.

Ek in tradysje wie de oarkonde foar it earste Ijipaai. No, yn 1986 ha wy dat witten. Tsjalke v.d. Meer belle op dat hy in Ijipaai fûn hie. Wy, as bestjoer dêr hinne om te lotterjen. Wat die bliken? It aaike sonk! Tsjalke des duvels : "Dy

ferrekte Bouwe Huitema, dy hat fansels sjoen dat ik dat Ijipke yn 'e gaten hâld en dy hat in âld aai yn dat nestkelein!" Wy dronken kofje en fûnen dit tige sneu foar Tsjalke. Doe't wy wer op hûs oan soene, kwam Tsjalke út 'e stoel en pakte it echte aaike fan 'e kast! Hy hie ús moai te fiter hân! As lêste noch eefkes de Skieppesturt fan 1993. Wa moast dizze ha? Der kwam dit jier net ien yn oanmerking. Nei it tillefoanboek en in hiele jûn praten waard der besletten, dat der dat jier net in Skieppesturt útrikt wurde soe. Dit siet my net lekker: dêrom ha ik âldjiersdei alle redaksjeleden nochris byelkoar komme littin, omdat ik dochs woe dat der in sturt útrikt wurde soe. Nei wer oeren praten waard der wer besletten om dit jier net ien út te rikken. Wat die bliken: op nijjiersdei wie de Skieppesturt foar my!



Jannewaris 1994 -De ferrassing is grut! Sytske krijt de Skieppesturt. F.l.n.r. Gerben Wijnja, Rixt Speerstra, Ineke Feenstra, Sytske Dijkstra en Joop Nota. (koll. Sytske Dijkstra)

Nei in moaie tiid yn de redaksje mei ek noch Richtsje, Ineke, Phün, Gerben en Joop, ha ik nei it hûndertste nûmmer it stokje trochjûn oan Henk v.d. Zee. Hjirby wol ik de redaksje fen herte lokwinskje mei dizze 40 jier en gean foaral sa troch!

Mei yngong fan jiergong 6 stapte Wyke Blanksma út de redaksje. Richt Speerstra-Bakker (Rixt) fan lemswâlde folge har op. Wy jouwe har sels it wurd.

#### **40 jier 't Skieppesturtsje, Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.**



*15 jier redaksjelid west  
fan 1982 – 1997 !  
In gesellige tiid mei Jan  
Dijkstra, Marten  
Kikstra, Rients van  
Buren, Sytske Dijkstra,  
Phün van der Berg,  
Ineke Feenstra, Gerben  
Wijnja, Henk van der  
Zee en Joop Nota.*

Yn 40 jier binne der al hiel wat wederwaardichheden oan it papier fan de doarpskrante tabetrouw: wierheden, heale wierheden, rûnút ûnwierheden, opsmukte en oerdreaune ferhalen ... Dat kleeft blykber no ienkear oan de sjoernalistyk, al is it op doarpsnivo. De jûn begûn yn 'e regel aardich sakelik: de kopij en letter de illustrasjes waarden kreas op ûnderwerp oanlevere troch de famkes, wêrnei der ráp troch de mannen tastimming jûn waard om it artikel mar te pleatsen ... Mei in skean each seagen se al fóár 21.00 oere nei de drankekast, want harren lippe begong nei al dy droege stof al aardich nei ús Frysk nasjonaal slokje, of nei soartgelikense spiritualia te hingjen. Nei de earste slok folge dan it lossere part fan de jûn. Der waard swetst en sveard en yn dý stimming waarden De SNYPSNAREN geboaren. It moast wol wat diskreet, want Kikstra, as nearingdwaande, koe net samar it privé fan

syn kliintêle op 'e dyk smite... En hý wist mear fan de minsken as wý meielkoar...!

Yn it earste nûmmer fan maart 1977 waarden alle âlde, nije, sleauwe, dryste, jonge, stive, aktive, slûge, humoristyske, reade, grize, fine, koartoandraaide, grauwe, earlike en tûke Tsjerkwerters oantrune om harren meiwurking te jaan om it doarpskrantsje op poaten te setten. Der kaam fan allerhande kopij binnen, yn it Nederlânsk, it Frysk, it Boalserters en yn it Bargedûts ... Wy rôden ús der lang mei. Wat it Frysk oanbelange wie der genôch potinsje oanwêzich yn ús groepke. Der wie doe noch gjin kursus Frysk foar redaksjeleden.

Mar tiden ha tiden en men sjocht hieltyd mear it belang fan it behâld fan ús taal yn. Op it skoalplein wurdت der amper mear Frysk praten. Wy lûke ús de underdog-posysje gau oan en ek dêrom hat de gemeente Súdwest-Fryslân it ôfrûne jier ú.o. de redaksjes fan doarpskranten in kursus "Skriuw mar Frysk" oanbean. Se fine it belangryk dat de redaksjeleden yn har memmetaal skriuwe kinne, dat sy it Frysk sichtber meitsje. Sý binne ambassadeurs fan de Fryske taal. Der is in wedstriid útskreaun en der binne hiel wat Frysktalige teksten ûntfongan. De sjuery hat beoardield op lêsberens, aktualiteit, mar ek op kreativiteit en fansels op it brûken fan de Fryske taal en it brûken fan moaie Fryske wurden! De huldiging fan de priiswinners fûn plak op symboalyske grûn, it Gysbert Japicxhûs yn Boalsert. In goed krewearjen dat hopelik syn fruchten opsmite sil.

Weromtinkend stride der allerhande saken yn it ûnthâld om de eare: is it it Ijipaaï-lotterjen, de Skieppesturtútrikking, of it "ach & wee" fan de Tsjerkwerters....??? Alles meielkoar hat dy 15 jier de muoite wurdich makke!

Ik wol de hjoeddeistige redaksjeleden lokwinskje mei 40 jier 't Skieppesturtsje en alle lêzers foar de takomst in protte lêsnoch

tawinskje. Wy hoopje dat der noch *faak*  
*fleurich en ek Frysk* nijs út Tsjerkwert by ús yn  
 Boalsert troch de bus rûchelje sil.  
 Om mei "de mannen fan doe" te sprekkien:  
**TSJOCH!** Op 'e takomst!  
 Rixt Speerstra



At redaksjelid en  
 meiopjochter Marten  
 Kikstra (foto hjir  
 njonken) op 19  
 augustus 1987 komt te  
 ferstjerren is it **Ineke  
 Feenstra-Sybesma** dy't  
 syn plakje ynnimt. Wy  
 binne dan mei de  
 tsiende jiergong

dwaande.



In hichtepunt yn it libben fan de  
 Skieppesturtredaksje is alle jierren wer it  
 útrikken fan De Sturt. Hjir lokwinkset Ineke  
 Feenstra har man Hylke mei de ûnderskieding.  
 Jrg. 12            **Phün v.d. Berg-Blokker** folget  
 Jan Dijkstra op.  
 Jrg. 15            **Gerben Wijnja** folget Rients  
 van Buren op. Gerben syn earste bydrage  
 datearret fan febr. 1991. Mei mear as 25 jier  
 sil hy it langst sittende redaksjelid wurde.

"Ik sjoch Ineke Feenstra en Sytske Dijkstra dy  
 jûns noch by ús foar de doar stean. Wy  
 wennen hjir noch mar krekt en ik hie in stikje  
 skreaun "ter kennismaking". Dat hie blykber  
 yndruk makke. "Wy woenen jo wat freegeje."  
 No, sy moasten der mar yn komme en doe

*kaam it hege wurd der út: at ik wol yn de  
 redaksje fan de doarpskrante woe. Ik hoegde  
 dêr net lang oer nei te tinken, want dat like my  
 poer geskikt. Dat ik de Fryske taal ek noch  
 skriuwe koe, noaske harren mar tige.*  
**Foaral** myn *fraachpetearen* mei âlderden,  
*Skieppesturten* en *aaisikers soene* yn 'e rin fan  
 'e tiid in wichtich plak yn de nûmers ynnimme.  
 At men dat dan ek al mear as 25 jier dwaan  
 mei, is dat fansels wol de muoite wurdich. Myn  
 hoop is dan ek dat ik it redaksjewurk foar 't  
*Skieppsturtsje* noch lang yn goede  
 gearwurking mei de oare skriuwers dwaan mei  
 en dat der ek út de ferienings wei folop nijs syn  
 paad nei de redaksjetafel fine sil. Want dat  
 wie fansels it doel en dat is noch hieltyd net  
 feroare."

Jrg. 17

**Joop Nota** folget Phün v.d.



Berg op. Yn in  
 weromsjen skreau  
**Phün:**  
 "Ik ben niet alleen blij  
 dat ik hier woon,  
 maar ik voel me ook  
 thuis in Tjerkwerd."  
 Foaral de grutte reüny  
 die har tige goed:  
 "De warmte en het  
 weerzien met al die  
 mensen, die van

heinde en ver hierheen gekomen waren om dit  
 te beleven was een rijke ervaring waar ik van  
 genoten heb."

Jrg. 18  
 Dijkstra op.

**Henk v.d. Zee** folget Sytske

Jrg. 19            **Trudy Witteveen-Hettema**  
 folget Ineke Feenstra op.

Jrg. 21            **Ineke Dijkstra v.d. Meer** folget  
 Rixt Speerstra op.

Jrg. 23            **Tea Huitema** folget Ineke  
 Dijkstra op.

Jrg. 25            **Liesbeth Galama-IJdema**  
 folget Joop Nota op.

Yn ondersteande reaksje sjocht Joop op syn  
 tiid yn de redaksje werom.

"Het verzoek van de redactie van de 't  
 Skieppsturtsje om wat herinneringen op te  
 schrijven voor in het jubileumnummer over de  
 jaren dat ik in de redactie zat van onze  
 dorpskrant overvalt mij een beetje. Het is echt

geheugen opfrissen, want ik moet een mooi aantal jaren terug in de tijd. Ergens in de jaren negentig werd ik gevraagd om de redactie te versterken. Als ik het goed heb om de plaats van Phün van Lemswâlde, die er mee ophield, in te vullen. Ik heb dat toen gedaan en heb een aantal jaren met heel veel plezier meegewerk aan onze dorpskrant. We hadden dan ook een leuke, gezellige ploeg redactieleden in die tijd. Met Henk, Richtsje, Gerben, Trudy en Syske klikte het prima. Hoe het nu gaat weet ik niet, maar toen moesten we de verengingen ook wel achter de broek aan om kopij aan te leveren. We hadden toen ook de vaste rubriek van onze dorpsomroeper Freerk Schakel.



Schakel was altijd wel op tijd met het inleveren van zijn 'Berichten van de dorpsomroeper'. Het uitpluizen en bedenken wie de jaarlijkse Skieppesturt kreeg was een bezigheid wat niet altijd even gemakkelijk was, maar wat toch altijd weer lukte.

Om een anekdote te vertellen uit die tijd moet ik echt nadenken. Gelukkig helpt Jan mij uit de droom.

Ik weet nog, vertelt Jan, die keer met de Skieppesturt uitreiking dat je helemaal wit weg trok toen je de champagne voor je neus kreeg. We hadden het Nieuwjaarsbal direct na de oudejaarsavond. Nu maak ik het oudejaarsavond(nacht) nooit zo heel laat, maar toen was het wat uit de hand gelopen. Het was in de vroege morgenuurtjes dat ik op bed kwam. Zwak, ziek en misselijk kwam ik later op de dag van bed af en hing meer boven de wc-pot dan dat ik op de stoel zat. 's Avonds tegen negenen ging ik nog een keer over mijn nek en toen op een draf naar 't Waltahûs waar we de Skieppesturt uit moesten reiken. Ik dacht ik red het net tussen twee

overgeefbeurten in. Inderdaad toen ik de champagne rook werd ik weer misselijk. Aan de bar hadden ze het, aan de lachende gezichten te zien, in de gaten. Zodra we het achter de rug hadden, ben ik weer naar huis



gedraafd.

In het jaar 1999 kreeg ik zelf de Skieppesturt toebedeeld. Dat was toen een complete verrassing. Ik was aan een liesbreuk geopereerd. Doordat ik doodziek was van de antibiotica die ze me hadden gegeven, was ik een tijdje uit de running. Daardoor was ik ook niet op de redactievergadering en konden ze door mijn afwezigheid in alle vrijheid handelen.

Het was tevens mijn laatste jaar als redactielid; dit kwam dus ook nog mooi uit. Ik wist eerst niet wat ik er aan had, zo groot was de verrassing, maar heb het erg gewaardeerd. Ieder jaar weer vind ik het mooi als iemand, die actief is in onze dorpsgemeenschap, deze eer te beurt valt, want met deze vrijwilligers en verder iedereen die zich op wat voor manier ook inzet, valt of staat een dorpsgemeenschap.

Met veelgenoegen kijk ik terug op deze periode als redactielid van onze dorpskrant."

Jrg. 26                    **Riemkje Swart** folget Tea Huitema op (nr.3 sept. 2003).

Yn in spesjaal gedicht sjocht Tea werom op har tiid yn de redaksje fan ús doarpskrante 't Skieppesturtsje.

## 40 jier "It Skieppesturtsje"



Dat it  
doarpskrantsje al  
40 jier bestiet  
seit wat oer ús  
doarp  
Tsjerkwert,  
doarpke aan de  
Trekfeart, bynt  
en boeit minsken.

Iksels mocht fan  
2000 oant 2003  
yn de redaksje

plaknimme

Foar de snysnaren moasten we faak wol  
efkes stinne  
De kopij brocht hilaryske saken en soms ek  
minskewinsken  
Geboartes mar ek de nammen fan  
stjergefallen kamen op papier  
Dat lêste wie wol ris swier  
Mar de fergaderjûn wie altiid gesellich, dat  
is ek wier

Dan is It Sturtsje no in jubilaris, mar it  
bliuwt ek jong, it is ek noch modernisearre  
De omslach is tige goed slagge en de  
ferhalen sille jo nocht fuort net bedjerre

In felisitaasje is hjir op syn plak, lokwinske  
en ik wol jim in soad wille en kreativiteit  
tawinskje as hjoeddeistige redaksje mei de  
jubilaris "It Skieppesturtsje"

*Tea Huitema*

Jrg. 28            **Edzer Dillema** folget Henk v.d.  
Zee op. (nr.2 juli 2005)

Jrg. 29            **Anneke Feenstra en Mireille  
Galema** folgje Liesbeth  
Galama en Edzer Dillema  
op.(nr. 2 july 2006)

Jrg. 31            **Fokko Rollema** folget Tea  
Huitema op (nr. 1 jan. 2008)

Jrg. 40            **Jan Witteveen** folget **Anneke  
Feenstra** yn it jubileumjier op. Mei in moaie  
aneukoate sjocht Anneke op har tiid yn 'e  
redaksje werom.

### Harsenskrabje.....

Tsjintwurdich ha ik de tiid der hast net meer  
foar, of ik doch it my net oan tiid ... dat kin it  
ek wêze fansels. Mar ik mei altyd graach  
puzelje, dat kin fan alles wêze:  
krúswurdpuzels, in sudoku en oan de ein fan it  
jier myn favoryt: de puzel fan Dr. Denker yn de  
LC. Ik stjoer ek wolris wat yn mar win nea wat,  
no dan moet de wille fan it finen fan de  
oplossing de prijs mar wêze tink ik dan mar.  
Doe't wy noch net sa lang yn Tsjerkwert  
wennen, stie der ek yn 't Skieppesturtsje in  
puzel. Ik hie der gelyk niget oan en begûn fol  
entûsjasme. Der waarden allegear fragen steld  
oer Tsjerkwert en har bewenners en der  
moast dan in sin út komme. Omdat wy noch  
net alles wisten fan it doarp hat it my in pear  
oerkes harsenskrabjen kostte, mar ... mei in  
soad wille! Ik krike it klear en gie gau op de  
fiets nei de brievebus fan redaksjelid Tea  
Huitema. Dêr moast it briefke ynlevere wurde.  
No mar ofwachtsje, spannend!

Ta myn grutte ferbazing waard ik inkele wiken  
letter belle troch Lysbeth Galama fan de  
redaksje: "Kin ik wol efkes delkomme, want do  
hast de prijs fan de puzel wûn!" No dan binne  
je altyd wolkom fansels! Lysbeth kaam op 'e  
kofje en hie foar my in boekebon meinaam: de  
1e prijs! Under de kofje hiene wy noch in  
praatsje oer de puzel en dat ik der in soad  
wille oan belibbe hie. En dat ik no ek noch de  
prijs wûn, prachtich fûn ik it. "No", sei Lysbeth,  
"moai om te hearen dat der dochs noch ien  
wille belibbe hat oan de puzel, want do wiest  
de ienige dy't it briefke ynlevere hie..."

Hawar, sa wie it dus yn it earst mei my en 't  
Skieppesturtsje. Dochs tink ik dat Lysbeth my  
doe in bytsje lekker makke hat om plak te  
nimmen yn de redaksje. En ik ha dêr ek in  
soad wille oan belibbe, yn it bysûnder mei it  
sammeljen en meitsjen fan de snysnaren. Al  
naam it soms wol in  
soad tiid, want hoe  
makkest dêr in moai  
ferhaal fan? Wat  
skriuwst' wol en wat  
net? Eins wer  
harsenskrabje dus....

**Golle groetnis fanút  
Koudum fan Anneke  
Feenstra**



# *Us Skieppesturten komme “uit een weinig bekend bedrijf”*

Dat de redaksje alle jierren sa mooglik in Skieppesturt útrikt, hat alles te krijen mei in man fan it earste oere. Rients van Buren is meiopjochter fan ús doarpskrante en hie yn Boalsert in bysûnder bedriuw dêr't okkerjiers soan Jolt by yn kommen is. Wy kamen in bysûnder ferslach tsjin út de oarloch. In besiker skreau syn ûnderfinings op en makke wat foto's dy't wy hjir werjouwe. Wy nimme jo as lêzer mei nei de oarsprong fan de Skieppesturt yn in âld bedriuw aan de Warkumer Trekfeart yn de Gysbert Japicxstêd. It is maaie 1941.

## *“Een in Friesland weinig bekend bedrijf”*

Tot de bedrijven, welke in het Noorden des lands zeer sporadisch worden uitgeoefend, behooren in de eerste plaats de vellenblooterijen te worden gerekend. Een eigenaardig verschijnsel in een provincie, waarin veeteelt een der hoofdbronnen van het volksbestaan vormt. Of er in vroeger jaren meer zijn geweest, is ons niet bekend. Ook weten we niet positief, of de blooterij van de heer R.S. van Buren te Bolsward op dit oogenblik de enige in Friesland is, al wordt ons dit van verschillende zijden verzekerd. Toch echter achten we de beteekenis van dit bedrijf groot genoeg om er, door middel van enige actueele foto's in ons blad, iets meer bekendheid aan te geven. We brachten daarom een bezoek aan het Bolswarder bedrijf, waar we onze oogen terdeeg den kost hebben

gegeven, doch waar ook de capaciteit van ons reukorgaan op een zwaren proef werd gesteld. We hebben met aandacht de verschillende werkzaamheden gevuld, werkzaamheden oogenschijnlijk zeer eenvoudig, doch die, bij nadere beschouwing, toch een grote vakkennis vereischen. In de blooterij immers moeten de huiden zoo ver worden bewerkt, dat ze voor de leerlooierijen “panklaar” zijn. Ook schapenvachten worden in groot aantal verwerkt. Hier gaat het om de kostbare wol, die naar de wol- en garenfabrieken worden verzonden. Leer en wol! Weinig artikelen zijn in den tegenwoordigen, abnormalen tijd van zooveel beteekenis als deze twee.

### *By de foto's:*

Lofts: skieppefachten skjinmeitsje yn 'e feart, dêrnei wurde se yn wreaun mei swavel-natrium; wol wurdert fan de hûden lutsen; de hûden wurde twaris sâlte; de woldroechsouder. Rjochts: bulten wol wurde yn balen perst foar ferfier nei fabriken; fallen wurde fan de poaten helle en dêrnei yn droechrekken ophongen. It orizjineel is troch de redaksje oanbean oan Rients van Buren as tank foar syn bydragen.





1 jannewaris 1979. De âldste foto yn ús argyf lit it útrikken fan de Skieppesturt sjen oan Freark Schakel It poadium bestie foar in part út skoaltaffeltsjes. Links sprekt Jan Dijkstra de grutske Skieppesturt ta. Rjochts fan him Rients van Buren, Wyke de Witte en Marten Kikstra (kolleksje Sytske Dijkstra)

## Earegalerij fan ús Skieppesturten

De redaksje fan 't Skieppesturtsje kaam daliks al mei it plan om minsken út it doarp ris yn't sintsje te setten. Minsken dy't om hokfoar reden dan ek harren ynset hiene foar doarp en mienskip. Dat moast beleanne wurde, mar hoe. Mei troch Rients van Buren waard in unike fertoaning betocht dy't oant de dei fan hjoed fêsthouden is. Der hat wolris wat feroaring west yn de útfiering mei taspraken, sjongen en dûnsjen, mar it draaide lang om let fansels om De Sturt. It sette útein mei it op Nijjiersdei oanwizen fan De Skieppesturt fan 't ôfrûne jier. De redaksje wie klaaid yn skieppefachten en de haadpersoan(en) krig(n) in wiere skieppesturt, in soarte fan medalje mar dan fan skieppewol, mei in moai kalligrafearre oarkonde.

Yn 1977 wie it **Jan Blanksma** dy't as earste de heechste doarpsunderskieding krig. Foto's en tekstberjochten binne der net fan. It moast allegear noch wat wenne. Boppedat wie men doe

net sa drok dwaande mei parseberjochten, fotografearjen en datsoarte saken. Dat soe pas folle letter syn gerak krije.



Foar 1978 waard **Freark Schakel** beleanne om syn ynset. (sjoch ús âldste argyffoto hjirboppe). Schakel waard omskreaun as in man dy't in protte foar it doarp die. Sa organisearre er bygelyks túnwedstriden en as doarpsomropper wie er ek net fuort te tinken. In terjochte útferkliezing, want minsken as Schakel wiene fan belang foar de leefberens fan in doarp, sa spruts Jan Dijkstra. Oer 1979 krigie **Gurge Brandsma** de Skieppesturt.



Fanôf de achterkant fan syn sigaredoaze hold wurdfieder Jan Dijkstra de spanning der folop yn. Lang om let kaam it hege wurd derút: Gurge Brandsma fertsjinne de ûnderskieding folop. Beskieden as er wie betsjutte er in protte foar it doarp. Sa ûnderhold hy de tunen fan de skoalle, wie er brêgewipper, organiseer er it bejaardenreiske en wie er bestjoerslid fan it Griene Krûs. Boppedat die er in protte foar de tsjerke, foaral op oecumenysk mêd. Om koart te kriemen: in man dy't in lyts doarp grut hâldt.



Foar **1980** kriege **Brandt Volbeda** de heechste doarpsear. Tradysjegetrou wie it wer de

sigaredoaze dêr't de namme fanôf rûgele. Op de foto sjogge wy hoe't Wyke Volbeda De Sturt omhinget. Hy wie de man dy't soarge foar it fuortbestean fan de iisklup troch op in stuit as iennichst bestjoerslid de feriening yn libben te hâlden.

Foar it jier **1981** koe de redaksje neffens Jan



Dijkstra opnij net om de persoan fan **Freak Schakel** hinne, sadat hy foar de twadde kear De Sturt yn besit krike, wat er tige wurdearre. Toaid mei doarpsumropperspet kaam er op it poadium. Wy witte trouwens net oft er de oare deis syn eigen ûnderskieding yn it doarp omroppe hat.



De man fan it jier **1982** waard **Jelte Speerstra** fan Lemswâlde. Jelte hat gâns wat foar it doarp dien.

Hy wie bestjoerslid fan it wetterskip (Jelte soarge der foar dat men net fersúpte), bestjoerslid fan it molkfabriek, foarsitter fan it korps Eensgezindheid" en âld-foarsitter fan 'e Oranjeferiening "Meinoar ien". Foaral de lêste twa funksjes hiene Jelte in hûd fol wûrk besoarge yn 1982, mar fansels mei help fan oare bestjoersleden slagge hy der yn om op treflike wize de aktiviteiten ta in goed ein te bringen.

De ynwenners fan Tsjerkwert rekken der al wat aan wend dat de Skieppesturt in net mear fuort te tinken ûnderskieding wurde soe. Dat sadwaande begûnen se wakker in goai te dwaan nei de Skieppesturt 1983. It hiene allinnich noch mar mannen west dy't de priis kriegen hiene. Miskien wie it dan wol in vrou!

Dochs kaam it oars. En it doarp rekke yn **1983** yn 'e ban fan De Sturt, want de redaksje hie wat nijs betocht. De doarpsgenoaten mochten harren stim útbringje. Mar wat die blikken. De seal siet fol op de dei fan it bekend meitsjen fan de jierpriis, mar der wiene mar sâns briefkes ynlevere. Doe naam de redaksje dochs mar wer in heft yn eigen hannen en kende de priis ta oan **it bestjoer fan de Legere Skoalle dat bestie út P.Burghgraef. M. Poelstra,**



#### **L. Huisman en de froulju C. Hofstra en S. de Boer.**

Jawis, sy wiene de earste froulju mei in Sturt. Mar spitsch genôch wiene sy net by de útrikking, sadat sy op de foto ûntbrekke. Mar wat hiene dizze minsken in wûrk ferset yn it ûnderhâld fan de skoalle, de reorganisaasje troch it taheakjen fan in beukerôfdieling en it beneamen fan ferskate learkrêften. Redaksjefoarsitter Jan Dijkstra spruts fan in swiere opjekte om de saak draaiende te hâlden om't Minister Deetman syn belied derop rjochte wie om de plattelânskoallen ticht te goaien. Doe dus al!



**Hein en Akke Gietema van Wieren** waarden útroppen ta man en vrou fan it Jier **1984**. It wie al wer it achtste jier dat der in Skieppesturt mei oarkonde útrikt waard. Hein hie krekt ôfskie nommen as bestjoerslid fan Doarpsbelang (nei 23 jier), blaasde mei faasje yn Eensgezindheid, wie starter fan de iisferiening, keatste noch as in jongkeardel en wie warber yn't tsjerkewurk as tsjerkfâd. Akke hie bergen wûrk ferset yn it skoalbestjoer, wie lid fan it bestjoer fan it Waltahûs (as ienichste vrou tusken seis mânlju) en boppedat wie sy tige warber yn 'e pleatslike ôfdieling fan 'e EHBO. Akke waard sels beneamd ta bêste liedster fan hiel Fryslân. It wie oan Hein en Akke te sjen dat se wiis wiene mei dizze fertsjinne ûnderskieding.

Hoopfol skreau de redaksje doe:

*"Alle Tsjerkwerters binne úndertusken dwaande om Skieppesturt 1985 te wurden". Oan oantrún dus gjin gebrek.*

*"De rottefanger fan Hamelen koe eartiids safolle*



*súkses net hân ha as de alve muzikanten dy't der op de nijjiersjûn fan 1986 yn slaggen de Tsjerkwerter Skieppesturten goed los en fan 'e flier te krijen. Yn optocht setten hja de kjeld yn om mei harren meislepende muzyk de minsken nei it doarpshûs te lokjen. Dat slagge. Jong en âld wie presint."*

Alle yngrediënten foar in gesellige jûn wiene oanwêzich. Hichtepunt fan dizze jûn wie fansels de ûtrikking fan de Skieppesturt fan it jier **1985**. De út 5 "man" besteande redaksje hie dit jier lykwols in ekstra sturtsje ûnder de zwarte hege hoed ferstoppe. It gyng dit jier nammentlik om twa persoanen. Foar it earst inkeld en alline besteande út froulju: **Jelly de Haan en Janny Poelstra**. En dat nei 8 jier!

Dizze, beide froulju hiene in opfallend oerienkommonde list fan fertsjinsten. Se hiene beide in protte tiid stutsen yn it oprjochtsjen en yn in stân halden fan pjutteseal "It Pjuttehonk", beide hiene sy ek in soad wurd dien foar de sneinskoale en sy wiene beide ehbo'ers. De iene wie ek noch tonielspyster en bestjoerslid fan Doarpsbelang. En wat se noch mear oerien hiene wie dat se allebeide Tsjerkwerter ôf waarden. Wat spitsch waard der opmurken: "Wy sille der mar net fan út gean dat it wenst wurd dat "de Skieppetsturt fan it jier" *Tsjerkwert de rēch takeart. In doarp kin perfoarst net bûten sokke minsken.*"

Yn 1987 waard op 'e nij op nijjiersdei De Sturt útrikt en wer foel in frou yn 'e prizen.

It wie masters juffer **Thea Dam** dy't de underskieding oer it jier **1986** krigé, omdat, sa skriuwe de notulen

*"zij zich het afgelopen jaar het meest verdienstelijk heeft gemaakt voor het dorp".*

De parse waard ek ynskeakele en Foto Steggerda



Boalsert, mar wenjend op de Sylroede yn ús doarp, makke in moaie foto fan Thea.

Yn **1987** wie der wer in priisútrikking yn it doarpshûs, alwer op nijjiersdei. It wie **Hylke Feenstra** dy't doe de heechste doarpsear yn besit



krige foar syn warber krewearjen. En neffens Jan Dijkstra, dy't de spanning yn 'e seal bruts, wie dat unanym foar syn ynset betoand oan doarp en mienskip. De Skieppesturt yn ieren en sinen wie hikke en tein yn it doarp en hie him foaral tige ynset as foarsitter fan de earste reünykommisje. En doe bruts it jier 1889 oan. De Sturt stie wer op it program fan it nijjierswinskjen yn it doarpshûs. Foarsitter **Jan Dijkstra** hie yn it ferline alle kearen it wurd fierd en de redaksje fûn it saak om him de underskieding foar it jier **1988** te jaan. En dat wie



net allinne fanwege syn fertsjinsten foar de doarpskrante, mar ek syn brede ynset foar maatskiplike funksjes makken him ta de wiere Skieppesturt. Hy hie in sit yn Doarpsbelang, siet yn 'e organisaasje fan de Oranjefeesten, it keatsen, it toaniel en de Sinteklaasyntocht. En fansels naam hy nei ôfrin it wurd om elkenien tank te sizzen.

De Skieppesturt fan **1989** wie ornearre foar in grutte groep.

It wie de **restauraasjekommisje fan de St.Petrustsjerke** dy't op it nijjiersbal de priis yn üntfangst nimme mocht. Germ de Jong, Okke S. Postma, Doet Bruinsma, Jelly de Jong en Coby Hofstra hiene wakker harren bêst dien om by de bewenners fan Tsjerkwert mar leafst 100.000 gûne op te heljen foar de restauraasje. Dit bedrach



moast út eigen middels op it kleed lein wurde om de restauraasje, dy't heech nedich wie, te realisearjen.

En dan komt de Skieppesturt fan **1990**. Dy wie foar "Bezige Bij" **Renske Bakker** foar har grutte ynset foar de doarpsgenoaten. Har hûs neamde sy "In iepen jûs foar elkenien, se hawwe ús foar it beljen". Yn har Ford Fiësta hat se faak minsken nei



dokter of sikenhûs rideń en noch folle faker boadskippen meinommen út 'e stêd. Boppedat hie sy fiif jier yn 'e tsjerkerie sitten. Yn in gedicht fan de redaksje waard sy omskreaun as "de jacht op de dominees".



Yn **1991** hie de redaksje har kar falle littén op **Anne en Thea Dam**. Anne wie noch oant 1 maart direkteur fan de basisskoalle en mei syn Thea stie de ferhuzing nei Surhústerfean op it program. Hy hie in protte wûrk foar it doarp dien, stie altyd klear mei de stensilmasine en wie boppedat in 'master' op it toaniel. Thea har fertsjinsten leine op it gebiet fan it sikretariaat fan Doarpsbelang en it

klupwûrk foar de bern. Ek die sy in protte typewûrk foar doarp en tsjerke.

Yn **1992** kriegen **Roelof en Joke de Jong** de Sturt mei



oarkonde. As behearders fan It Waltahûs waarden sy omskreaun as de spil fan it hiele ferieningslibben yn Tsjerkwert. De aerobicgroep, it korps, de biljertferiening, it sjongkoar, de pjuttekluп en gean sa mar troch, it waard allegear organisearre yn it doarpshûs en de behearders moasten altyd mar klearsteān foar in goede yrjochting, drinken en hapkes en dat wie altyd tige nei't sin.

Yn **1993** wie de kar fallen op ien út eigen redaksje. **Sytske Dijkstra-Bouwhuis** hie oanjûn om der nei 16 jier mei op te hâlden. Om de Sturt te krijen moast

sy dy jûns noch út har funksje ûntslein wurde. Dus gie de skieppefacht ôf en doe koe Sytske ûnderskieden wurde foar har grutte ynset by in protte vrijwilligers-aktiviteiten. "Sy stiet by wize fan sprekkens foar har tomeleaze

ynset foar alles en elkenien klear, sels foar de meiminske yn Roemenië."

Mar der wie dy jûns mear nijs. Foarsitter Janet Volbeda fertelde oer nije plannen fan it bestjoer. De behearders hiene de pacht opsein per 1 febrewaris. Tenei soe it yn hadden komme fan vrijwilligers en der wiene ynienen ek plannen foar in ferbouwing fan it doarpshûs.

Yn **1994** stuts de redaksje har wurdearring foar de wize wêrop it bestjoer en vrijwilligers it behear fan 't Waltahûs oppakt hiene net ûnder stuollen of banken. Ut namme fan it bestjoer krige **Janet**



**Volbeda** de Sturt en **Albert van Lingen** krige him as fertsjintwuridiger fan de vrijwilligers. It behear wie dat ôfrûne jier folslein yn hadden kommen fan de vrijwilligers dy't stipe waarden troch in entûsjast bestjoer.

#### Foar it jier 1995 wie der gjin sturt.

Mar in jier letter, yn **1996**, barde der fan alles, wat soarge foar in grut feest yn it Waltahûs dat noch folslein yn Alvestêdetochtsfear wie. Oardel jier lang hiene **frijwilligers** alles op alles set om harren eigen doarpshûs te realisearjen. De krante skreau: "De redactie had unaniem besloten de oorkonde te doen toekomen aan al die vrijwilligers uit Tjerkwerd en omstreken die in het afgelopen anderhalf jaar met een nimmer afлатende ijver hadden gezwoegd en geploeterd om hun eigen dorps huis te verwezenlijken. Gerben Wijnja prees de creativiteit en het vakmanschap, de tomeloze inzet en het doorzettingsvermogen en last but not



*least de gemeenschapszin in het dorp der Skieppesturten. Zonder die eigenschappen zou de klus nimmer geklaard kunnen worden."*  
It wie doe aan Gerben Dijkstra om de Sturt yn ûntfangst te nimmen en in gaadlik plak foar Sturt en oarkonde te sykjen.


**Richtsje Speerstra-Bakker** van Lemswâlde stie yn jannewaris 1998 yn it sintsje. It tafal woe dat sy

noch dyselde dei ferhuze wie fan "de wide fiersten fan it lemswâlder fjild nei de smûkens fan de stêd Boalsert". De redaksje wie ûnder de yndruk fan har grutte belutsenens by it doarpsbarren: 15 jier redaksjewurk, tsien jier lyn leverre sy in grutte bydrage oan de feestlike reüny, sy die de regy by de toanielklup en wie sjuerylid by de playbackshow en hie in sit yn it skoalbestjoer en doarpsbelang. Boppedat wist de redaksje fan har kreative en krityske karakter. Dat alles makke har ta de útferkoaren Skieppesturt fan it jier **1997**.



Foar **1998** fertsjinne **Okke Postma** de ûnderskieding. It idee fan de doarpsreüny kaam by him wei. Mar syn betsutting foar it doarp wie folle grutter. Foar it doarpshûs wie er sa'n bytsje de semi-profesjonale konsjerzje. Hy fersoarge it ûnderhâld fan de doarpsbanken, behearde de begraffeniskast, sette stuollen klear en de kachel omheech, spile in rol yn it wetterskippsbarren, fersoarge de skoalletún, hie op 'e planken stien en fersoarge de yntruminten fan it korps. De redaksje neamde him in markante persoan en tûzenpoat dy't net foar neat riddere wie en dêr koe de heechste doarpsûnderskieding net by achterbliuwe.

By de fiering fan de Skieppesturt fan **1999** kaam de redaksje mei in eigen Skieppesturtliet en waard **Joop Nota** troch Henk van der Zee tasprutsen: "Joop is in man dy't it hert op it goede plak hat. Al 25 jier set er him op foarbyldige wize yn foar tsjerke, skoalle, begraffenisferiening, koar, jeugdklup en jongereinwurk." Ek syn ynset foar it behâld fan it grifformearde tsjerkje aan de Waltawei priizge de redaksje, in soarte fan



mienskipshûs dat Joop en Akke as De Hekserij mei gefoel foar tradysje realisearre ha. It jier **2000** stie fansels yn it teken fan it grutte millenniumfeest. In warbere **Simmer-2000 kommisje** waard troch Henk van der Zee tasprutsen: *'It wie in bysûnder en unyk feest, in tige slagge feest. Grutte wurdearring foar dit ulles. Tige tank aan de sponsors, de ynwenners fan beide doarpen, de wit-ik-hoefolle frijwilligers, de bouwers en brekkers, de wrotters en de skreppers, but last en foaraal net least de kommisje. Us tank en ús Skieppesturt foar jimme!'* Op de foto Johanna Bakker, Jan Blanksma, Siep Boersma, Riet Bruinsma, Anneke Feenstra, Jelle Feenstra, Durk van der Gaast, Betty Jellema, Baukje Kootstra, Jaap van Lingen, Adam Poelstra, Fokko Rollema en Bertus Walsma mei in part fan de redaksje.




Oer **2001** spruts Henk van der Zee **Bert Miedema** ta en priize him om syn grutte fertsjinsten foar it doarp: *'Hy wie en is ôfgryslik aktyf yn ferskate ferienings sa as de iisferiening, de Oranjeferiening en de Rekreaasjekommisje. As lid Technyske Staf is er mei kleur aanwêzich by Stichting It Waltahûs. Bourgondiër is er, mar ek benammen Hollânsk nuchter, Waltaslotbouwer en poartwachter en ta beslút ús eigen earste space-shuttle astronaut.'* Oer **2002** mocht Henk van der Zee wer it wurd dwaan. Hy hie it oer *"reünyboufakkars en feestknakkers dy't sa ferskriklik hurd wurke hawwe aan it feest fan de skoallereüny: 'player of the year' Roel Bakker, de man fan de sinten Yde Schakel, boukundige Jehannes Dijkstra, foarsitster en doelsjitter Tsjallie Gietema, sjongtalint Geartsje Heijenga, sakspiler Arjen Steur en wa kent har net*




*Thea Zijsling". De **Reünykommisje 100 jier Kristlik***



**Underwiis Tsjerkwert/Degzjum** krige alle lof taswaaid fanwege it grutte feest dat hja organisearre hie. Rieneke Speerstra krige as revuebetinkster en produsinte in spesjale en earfolle fermelding  
Foar syn grutte ynset yn **2003** waard **Jaap van Lingен** bliid makke mei de ûnderskieding. Tsien jier lang siet er yn de Stichting fan It Waltahûs. Hy wie organisator fan de Parodialoop, naam it inisiatyf ta oprjochting fan in dames- en herensociëteit, wie de sportive motor achter de doarpenfuotbal-kompetysje, organisearre feestjûnen foar de jongerein, kuertochten foar jong en âld en wie aktyf binnen it Waltahûs, de sportfildenkommisje en de iisferiening. Om koart te kriemen: in Skieppesturt yn ieren en sinen.  
Oer it jier **2004** krigen **Thea en Jelle Zijsling** út



hannen fan Tea Huitema en Liesbeth Galama de SKIEPPESTURT mei oarkonde Beide hawwe al in soad foar ús doarp yn 't spier west en binne noch hieltyd folop yn bedriuw. Posityf ynsteld, sosjaal, mei in iepen hert foar in oar. Mei helpende hannen ek. By doarpsfeesten en reuny's, bestjoerfunksjes en gean sa mar troch. Ast' se net sjochst dan binne se siik. Beide binne wier al jierrenlang helpferleners fan ús doarp: bedriuwslieder,



wynmakker,  
ferieningsmotor, kaartfan  
en krekt wat hurder as in  
oar reedrider ... én  
skoallebestjoerster,  
reuny়spesjaliste, nifelster  
en foar it goede doel  
altyd op paad-rinster.  
**Skieppesturt** fan it jier  
**2005** waard **Douwe**  
**Algra**. de jongste  
ûnderskieden  
Skieppesturt ea. Gerben

Wijnja sei tsjin him: "Wy binne grutsk op dy en op it feit dat yn ús doarp de jongerein syn plak wit. Mei dit grutte foarbyld litst sjen dat, as it der op oan komt, men foar jins neiste yn it fjoer springt, yn dit gefal dus yn it wetter om Sjoukje van der Vries út har sinkende auto te heljen. Súnder mis wie se oars ferdronken. Machtich moai wukr man. Do wiest der hieltyd o sa beskieden ûnder, mar wy as redaksje fine it dit jier op syn plak datst út dy beskiedenens ferheven wurdst as Skieppesturt fan it jier 2005. Mei dy bysûndere died is in nije kwalificaasje oan de rige Skieppeturten tafoege, in man dy't op krekt op 'e tiid op it goede plak wie om sjen te litten wêrynn in lyts doarp grub wêze kin. Troch treflik optreden."

De Skieppesturt fan **2006** wie ien dy't foaral op 'e achtergrûn warber wie. Yn 1949 hie **Gerrit Mulder** him hjir as doarpsskilder nei wenjen sette. Doe't de reunykommissie fan Tsjerkwert yn 1987 fan doel wie om in tinkboek út te jaan, brocht syn weardefolle samling útkomst en ynternet waard in nij spearpunt. Der kaam in echte website dy't op 4 oktober 2005 'on line' kaam. Syn soan Feike waard as webmaster ferantwurdlik foar de technyske en



ynhâldlike kant fan de side. Wy koenen as redaksje ek altyd in berop op him dwaan. Koartsein: Gerrit Mulder wie eins sa'n bytsje it kollektive ûnthâld fan de skiednis fan Tsjerkwert en fertsjinne de ûnderskieding folop.

De jûns brochten wy de famylje Mulder in besite. It wie spesjaal foar vrou Mulder dat wy dy jûns dêr op besite giene.

De Skieppesturt fan **2007** wie foar **Gjettje en Gerben Dijkstra**. Redakslid Gerben Wijnja priize

harren as "doarpstûzenpoaten dy't hiel wat ôfrûn ha foar it wolwézen fan Tsjerkwert". Gjettje hie har sterk makke foar de pjutteseal, de berneneventsjinst, doarpsbelang en skoalle, wylst sy ek frijwilliger wie fan it doarpshûs, de EHBO en song yn it tsjerkekoor. Gerben siet yn it bestjoer fan de skoalle, de Oranjeferiening en it Waltahûs. Fieder hold er him dwaande mei de biljertklup, de sportfjildenkommissie, vrijwilligerswurk foar it Waltahûs en as strittefersierder fan de Waltawei stie er ek syn mantsje.



Oer it jier **2008** gie de priis nei **Hinke Brandsma**. As EHBO-ster wie sy praktykjuf foar de skoalbern y.f.m. it jeugd-EHBO eksamen, boppedat mei-pleitbesoarchster foar de oanskaf fan de AED. Yn it ferline die se mei Marten it behear fan it

Doarpshûs en dêrfoar diense sy kosterswurk foar it Griffomeard Tsjerkje. Se wie mei-oprjochtster fan de fitnessklup foar froulju, presidinte fan de froulusferiening, klupledster fan de net mear besteande berneklup, se brocht de Gemeentebrief rûn en holp mei dy te nytsjen, rûn mei hiel wat kollektebussen, wie aktyf foar de kleynnsamling foar Roemenië, vrijwilliger yn it Waltahûs en as brêgewipster soarge se der foar dat it skipkefolk geduldich wachtsje moast foar de tichte brêge oant de eigen minsken der oer wiene.

Hinke stiet altyd foar elkenien klear yn 't doarp. Men docht gewoan nea fergees in berop op har en dat makke har ta de wurdearre doarpsfrou dy't ús heechste doarpsûnderskieding fertsjinne.

**Betty Jellema** waard de Skieppesturt fan **2009**, "in doarpsdiva mei artistike kwaliteiten, dy't wy wurdearje om de ynset foar it doarpshûs, dy't lykwols wat allergysk



*is foar húskes, mar as EHBO-suster net swak byspileit as it giet om de help oan âlde en sike minsken.” Wy betitelen har fierder as “in flink feestbeest”. Sy hie har tige ynset foar de rekreaasjekommisje, it Simmer-2000-spektakel, de Oranjeferiening en de kaartklup. Sy docht “Op de Mat” en is as âld-Snitser Klokkedief wol in echte Skieppesturt wurden dy’t it hert yn it doarp lizzen hat.*



De Skieppsturt **2010** wie foar twa **EHBO-kaderynstrukteurs en de wurgroep Kunstrijk Tjerkwerd**. Akke Gietema-van Wieren en Hinke Twijnstra-Terpstra wiennen yn it dat jier 40 jier by de EHBO ôfdieling Tsjerkwert en boppedat 20 jier kaderynstrukteur. It twatal stiet der om bekend dat hja it wurd foar de EHBO mei in protte wille en ynset dogge. Dêrtroch is it altyd gesellich en is de groep foar in doarp as Tsjerkwert mei mear as 50 persoanen tige grut, seldsum grut sels. Dat makket it ek dat de tawizing sa op syn plak wie. Troch omstannichheden ûntbruts Akke spitich genôch. De twadde groep dy’t yn ‘e prizen foel wiene de mannen **Michiel de Jong , Anne de Vries en Gerben D. Wijnja** fan Kunstrijk Tjerkwerd. Hja waarden priizje om harren grutte ynset foar it slagje littan fan in moaie keunstûdstalling yn de St. Petrustsjerke dy’t mar leafst 1200 minsken oer de tsjerkedrompel helle om yn de kunde te kommen mei de faak ûnferwachte keunstskatten dy’t keunstners en oare ambachtlike wrotters út Tsjerkwert sjen lieten.



De Skieppsturt fan **2011** gie nei **Henk van der Zee**, dy’t jierrenlang in wurdearre haad fan de skoalle wie, mar syn brede vrijwilligersynset wie de redaksje ek wol opfallen. Noch mar koartlyn

makke er sels diel út fan ús redaksje. En yn jannewaris 2012 kriege er him sels omhongen. De man dy’t as Sinteklaas goede sier makke by de bern fan Tjerkwerd en as bestjoerslid fan de Oranjeferiening syn kreativiteit mei it feestfierende doarp dielde. Mar yn 2011 foel ek syn tekstdrukwersrol en regisseurswurk foar de musical Us mem Ria o sa yn ‘e smaak. Wy skreaune hjiroer: *“It is in oanrekommendaasje om op ‘e nij ris mei sa’n boppeslach te kommen. It soe ús wol*



*oansteane.”* No dy boppeslach kaam by de folgjende útrikking. Anneke Feenstra hold op it nijjiersbal in ynlieding dêr’t alle aktiviteiten út it doarp yn oan ‘e oarder kamen en konstatearre dat Tsjerkwert in tige libben doarp is. Dêrtroch is de kar oan vrijwilligers ek grut, mar ien rûn der yn **2012** út en dat wie **Thomas van Zuiden** dy’t foar master opsloech en op de PC fan Frentsjer útroppen waard ta keatskening. Dêrmei sette er ús doarp foargoed op ‘e keatskaart, in prestaasje dy’t in oar net gau benei komme sil.



Op de nijjiersgarkomst fan 2014 kaam der in grut selsskip nei it boppesealtsje fan it Waltahûs. Us grutte wurdearring foar in bult krewearjen gie út nei **Nellie en Bertus Walsma** dy’t harren ynset oer it jier **2013** beleanne seagen mei De Sturt. De redaksje wie ûnder de yndruk fan harren bestjoerlike aktiviteiten foar de Stichting, de Oranjeferiening, Simmer 2000, de sportkommisje, de klaverjasklup en de iisbaan. Safolle

frijwilligerswurk en dat by de drokte fan in bedriuw en in grutte húshâlding. Ien opmerklik feit kinne wy noch neame. Doe't ús âld-redakslid Phün v.d. Berg wat minder waard fersoarge Nellie de pottenbakster. Mei dy soarch foar de buorfrou wie se har tiid eins fier foarút (of wie it fanút de âlde, fertroude tradysje fan 'burenplicht'?) want



mantelsoarch  
moast noch  
útfûn wurde.  
De Sturt fan  
**2014** wie foar  
**Anita Hekkema.** Op  
har  
frijwilligers-  
wurklist  
steane: it  
Pjutte-

boartersplak, de MR fan skoalle, de GMR fan de oerkoepeljende organisaasje fan basisskoallen yn 'e eardere gemeente Wûnseradiel, de Oranjeferiening, it Waltahûs en kommisjelid fan de buertferiening Sylroede Dyksicht. De redaksje omskreau har as in vrou dy't altyd yn 't spier is foar it wolwêzen fan it doarp en dêrby mei alle respekt seit wat sy op har lever hat, rjocht foar de raap, mar earlik, kritysk en saakkundich.

Yn 2016 wie der wer in echtpear oan bar. It wiene **Joke en Ids Schukken** dy't de Skieppesturt **2015** kriegen foar harren grutte ynset foar Doarpsbelang, Oranjeferiening, it Waltahûs, sawol yn 'e stichting as ek achter de bar by feesten en spesjale byienkomsten, de Keatsferiening, de Parodialoop, de Basisskoalle, toanielstikken, Sinteklaas en wêr dat mar nedich is soargje hja foar in helpende hân.

Dan wie it: "georganisear" klear ... dan wisten /witte hja it wol: genietsje mar... Joke:wie regisseuse fan û.o.. Maegere Marijke, het Theaterdiner Het Grouwe pak. Op de basisskoalle siet sy yn 'handwerkcommissie' en de organisaasje fan de reüny nei de ferbouwing. No is sy noch belutsen by workshops itensieden en aktyf by it schmynken fan Sinterklaas en swarte piten. De keatsferiening is ûntstien út de Oranjeferiening.



Hjir foelen mehr sporten ûnder sa as volleybal dêr't Joke dan wer in oandiel yn hie.

**As wy dit alles oersjogge moatte wy fêsststelle dat Tsjerkwert e.o. oerrint fan eigenskippen en talinten dy't in duorsum oandiel yn it doarpsbarren foarmje en dêrmei soarge foar in stik leefberens. It seit himsels dat al dy Skieppesturten ús heechste doarpseare mei de gebrûklike underskieding mei glâns fertsjinne ha en dat harren ynset oaren ta foarbyld wêze mei.**

**Geren D. Wijnja**

Foto hjirûnder: Winter 2017 troch Mireille Galema



# Jubileumskieppesturt 2016 foar stille wurkers, hoewol ...

Krekt as elk jier wrakselet de redaksje mei de fraach hokker persoan, echtpear of groep fan minsken it meast yn 'e beneaming komt. Wy kinne it ek net altyd yn 'e eagen fan alle ynwenners hielendal goed dwaan. Dy diskusje spilet ek yn ús redaksjeteam en dochs moat elkenien derfan oertsjoegje wêze dat wy dit mei de bêste bedoelings dogge, hoe dreech it soms ek is. It heucht my noch dat wy it tillefoanboek derby hiene en elkenien bydel giene. Dan ûntstie der in tal nammen dêr't út keazen waard. Soms skoden persoanen troch nei in jier dêrop en meastentiids wie it dan wol raak. It kaam ek foar dat wy net om in groep hinne koene, mar dan wie it barren ek wol unyk en koe it om de aktualiteit net wachtsje. Hawar datsoarte fan arguminten stiene ek dit jier wer op de list.

## Bysûndere aktiviteiten en foarfallen

2016 wie in jier mei bysûndere aktiviteiten en foarfallen dêr't wy omtinken foar hiene. Nominaasjes fanút de doarpsbewenners kamen der net binnen of it moast al dat iene foarfal wêze dêr't ik daliks noch op werom kom.

Jubilea binne altyd in tankber útgongspunt. Sa bestie de iisklup mar leafst 140 jier. Is dat feestlik genôch om dy te ûnderskieden? Yn Fryslân tilt it de kommende jierren op fan de iisklups dy't harren 150-jierrick bestean grut fiere. Reden foar ús om dat ek mar ôf te wachtsjen?

En dan fierde EHBO-korifee Hinke Twynstra har 50-jierrige ynset foar dizze feriening. Sy hie noch net sa lang lyn ek al de skieppesturt omhongen kriegen. Moast dat op 'e nij? It kaam yn ús rike skiednis wol faker foar, sa as mei de doarpsomropper Schakel dy't sels longere nei in tredde kear. Wy ha fansels in geweldige EHBO-klub dy't mei ûnder Hinke har lieding unyk is yn Nederlân as wy sjogge nei it grutte

tal leden dat hjir prosintueel wat bewennerstal oanbelanget tige heech leit. It jout ek in goed gefoel, in feilich gefoel. Dochs koe dat net ferhinderje dat trije leden harren ynset mei grutte teloarstelling beeinige seagen. Klaske Huitema liet lykwols har grutte wurdearring oan ús trochskimerje mei de opmerking dat Johan Ouderkerken, Alie Schakel en Jan Witteveen jr. eins wol foarbyldich optreden ha mei it doel har man Johan te rêden fan de dea. Wy binne dat hielendal mei har iens en wolle dy nammen dan ek mei dit oersjoch yn 'e skiednis ferankerje as toanbyld fan helpfeardigens dêr't ús lytse doarp ek grut yn is.

## Himdyk opknapt

Mar der is mear wat ús opfoel. De Himdyk is opknapt en leit der prachtich hinne. It histoaryske karakter fan de âlde midsieuwske wetterkearing is net skeind en ride oer dizze bochtige dyk is in feest. Heech boppe it omlizzend lân is der in protte te genietsjen fan de rike natoer om ús hinne, fan de lânskippen ûnder altyd wer oare loften, de útsichten dy't oan 'e hoarizon ta spannend bliuwe. In protte toeristen witte dizze ferbining tusken Tsjerkwert en Blauhûs te wurdearjen. Mar mei it opknappen is de dyk net breder wurden. It gefaar skûlet lykwols net yn de dyk sels, mar yn it rydgedrach fan de minsken dy't derfan gebrûk meitsje. Mei ferdach ride bliuwt dan ek it útgongspunt. Mar in Skieppesturt? En wa moat him dan krije?

## Waltawei har monumintale gevellint

Makliker leit it dan mei in oar oansjen fan it doarp. Eins binne wy allegear wol tige grutsk op it monumintale gevellint bylâns de Waltawei. Op in protte plakken hat dy amper in oar oansjen as hûndert jier lyn. En dochs binne it gjin ryksmonuminten en moat it

ûnderhâld folstein út eigen beurs betelle wurde. At partikulieren dan ek de muoite nimme wolle om harren went wer yn âlde steat werom te bringen dan hat ek dat ús omtinken en wurderring. Wy tinke dan oan de ferbouwing fan de skilderswinkel op 'e hoeke fan Singel en Waltawei, eartiids fan Mulder, en no wer kreas en kein. Of oan de prachtich restaurearre wenning fan Witteveen dy't ea in herberch mei boppeseal wie, bekend ûnder de namme De Houten Ferdommenis. Moaie foarbylden fan ferbettering fan it doarpsoansjen dat ús wol noasket. In Skieppesturtbeneaming?

### **Wy komme by de ein fan ús ferhaal**

Van Buren, ús leveransier fan fachten en skieppesturten, al mear as 150 jier âld en sùnt 1903 oanwêzich aan de Warkumer Trekfeart te Boalsert, kriget foar de meiwurking in bysûndere oarkonde. Op in feiling fan âlde snypsnaren fûnen wy in artikel út de oarlochsjierrin dat oer harren bedriuw giet. Dat ha wy yn in list dien en wy hoopje dat it in moai plakje krijt yn harren histoaryske bedriuw hjir krekt bûten de doarpsgrins oare kant de A7 yn Boalsert.

### **Skieppesturt foar warbere minsken**

En dan de jierlike Skieppesturt? Dy is ornearre foar twa warbere minsken dy't op 'e

achtergrûn in protte wûrk fersette, echte doarpsminskens dy't nea te beroerd binne om wat de dwaan foar doarp en mienskip. Stille wurkers? No, "achteruit", soe'k sizze, want syn lûd rikt fier en dêrmei stapt er yn 'e fuotlêsten fan in ferneamde foargonger. Wy ha it dan oer Sjoerd Bouma dy't al wer in pear jier ús doarpsomropper is, mar ek yn keatsferbân is er tige aktyf as foarsitter fan de keatsklup, op de iisbaan kreksa en yn 'e buertferiening slacht er foar master op. Hy holp mei oan de bou fan it kluphonk op it sportfjild.

Behalve as doarpsomropper à la Schakel hat Sjoerd ek toanielsúksessen op syn namme stean sa as Scrooge, dêr't er de omslag fan ús doarpskrante mei helle, hy wie aktyf by it teaterdiner en foar de aksje fan Serous Request yn 2013 koest mei Sjoerd de krystman op 'e foto foar it goede doel. En dan wie er ek noch haadrolspiler yn Jan Nota syn liet BMY, oftewol de bealich massa yndeks want hy "fret en súpt tefolle en beweecht te min" as wy de tekst op YouTube leauwe meie. "Hela hola kindercola", syn Boukje doch net foar him ûnder as wy de list neirinne: sop mei ballen foar de keatsferiening meitsje is har wol tabetrouw, foar de iisklub stie se altyd klear, de âlderrie fan de skoalle sit se yn en se hie in sit yn it bestjoer fan it bjutteboartersplak en krekt as Sjoerd is sy ek wakker yn 't spier foar de buertferiening en no sit sy by de stichting It Waltahûs.



Om koart te kriemen,  
freonen fan Tsjerkwert,  
Sjoerd en Boukje binne ús  
nagelnije Skieppesturten en  
dat woe ik gepaard gean litte  
mei Sjoerd syn fleugele  
wurden: "achteruit" en in  
applaus foar dizze positive  
doarpsminskens.

**Gerben D. Wijnja**

# pri•o•ri•teit (de) (v)<sup>\*</sup>

- voorrang
- (prioriteiten) wat voorrang heeft of krijgt



<sup>\*</sup> U bent onze belangrijkste prioriteit!

**Kantoor  
Heerenveen**  
De Opslach 65  
Postbus 565  
8440 AN Heerenveen  
Tel: 0513 657457  
Fax: 0513 657490

**Kantoor  
Workum**  
Merk 12  
Postbus 84  
8710 AB Workum  
Tel: 0515 542669  
Fax: 0515 543526

**PR1ORE**  
accountants & belastingadviseurs

Kijk op [www.priore.nl](http://www.priore.nl) voor onze persoonlijke visie



Voor al uw bouwwerkzaamheden

- \* verbouw
- \* onderhoud
- \* renovatie
- \* nieuwbouw

e-mail: [info@ouderkerken-vof.nl](mailto:info@ouderkerken-vof.nl)  
website: [www.ouderkerken-vof.nl](http://www.ouderkerken-vof.nl)  
telefoon: 0515-579224  
mobiel: 06-14279868

De enige schaaps- en lamsvel looierij van Nederland

Workumertrekweg 5 - 8701 WB Bolsward  
0515 - 572461 - [www.vanburenbolsward.nl](http://www.vanburenbolsward.nl)



## In oantinken oan in strange winter

**It wie yn 'e winter fan 1928-1929 dat der hji in grutte riderij foar froulju útskreaun waard. It seach der yn novimber 1928 noch net nei út dat it ien fan de kåldste winters fan de 20<sup>ste</sup> ieu wurde soe. Trije swiere stoarmen tamtearren it lân, mar dêrnei wie it Sibearyske kjeld dy't foar master opsloech mei út en troch ris wat dagen mei teiwaai. De Trekfeart frear begin jannewaris ticht en de stoomboaten bleaune oan 'e wâl yn Boalsert en Warkum en koene pas 18 maart wer farre. Sûnt 1838 hie it sa mât net meer west. Op de Sudersee wie folop drokte: net fan boaten mar fan reedriders en sels belsliden. Maklik wie it net want der wiene folop skotsen en iisbergen.**

Op Zaterdag 9 Februari had de Nieuwe Leenwâlder IJsselclub een hardrijderij voor vrouwen gehouden. 11 Februari had de Elfstedentocht plaats, waarbij 54 van de 103 deelnemers aan den wedstrijd en 111 van de 198 aan den tocht de excursie, die ze niet liet vergeten zullen, volbracht — niets hielp, de winter was niet van zijn plaats te krijgen. Hij was er en bleef. Wel draaide de wind op 21 Februari van hardnekkig Oost naar Zuid en bracht wat milder temperatuur, die in het middaguur zelfs boven het vriespunt uit kwam, maar de vreugde was van korten duur. Het bleek loos alarm en de pret begon weer van voren af aan.

**Op 11 februari waard de Elvestêdetocht holden en op 24 febrewaris weage de earste lúksewein him op it iis fan Kampen nei De Lemmer.**

**Ek de Waadsee nei It Amelân waard oerstutsen. In fleanmasine brocht dêr iten en sa. De izige kjeld fan Nova Zembla skreau winterskiednis yn ús lege lantsje.**

Fryslân wie yn 'e besnijing kommen fan Kening Winter. Oeral wiene iisklupbestjoeren en kastleins dwaande mei it útskriuwen fan riderijen. Hûnderten ast' de kranten derop neislachst. En dat diene ek benammen de riders en rydsters dy't der in bêste deihier oerhâlde koene, ek al moast der fier foar ride wurde. Soms earst noch melke en dan op redens of op 'e fyts dy kant út. Der wiene troch de iisklup Tsjerkwert yntusken 16 riderijen útskreaun: seis koene net trochgean troch teiwaar of omdat it krekt glûpende kåld wie. Mar op 26 febrewaris soe it heve: der waard in grutte riderij foar froulju útskreaun. Lutske Schakel skreau hjiroer: "Om net yn al te grutte finansjele noedlikheden te reitsjen, wurdt besletten om by yntekening in waarboarchfûns ûnder de ledien te foarmjen mei oandielen fan fiif gûne, ûnder betingst, dat de ferliezen foar rekken fan it



waarboarchfuns komme, mar de foardielen aan 'e iisklup ferfalle. Der wurde 61 oandielens ferkocht.”<sup>1</sup>

De Ljouwerter Krante skreau: “Deze belangrijke hardrijderij wekte veel belangstelling. Ruim 1000 toegangskaarten tot de bijbaan werden verkocht.”

En dat wie ek gjin wunder. De iislup woe him ek wolris minge yn it geweld fan de grutte banen. Riderijen dy't de top oansprutsen om't der flink prizejild op it kleed lei te wachtsjen. Gjin sinterse negoasje mei prizen fan in pear gûne oant heechút in tientsje. Wis net, der wie grou jild te fertsjinjen, dat de top fan Fryslân kaam der op ôf. It gûnze troch de buorren: “Geesje Woudstra komt ek.” Dit “schaatswonder van Doniaga” wie de izige amme fan de winterkjeld wol treast en die op 'e koarte baan foar gjinien ûnder. In famke fan 17 jier, boeredochter, blonk út troch har prestaasjes op de smelle izers. Sjoernalist D.M. van der Woude, de grutte saakkundige op it mêd fan de frouljusriderijen, omskreau har sa: “n knappe verschijning met heldere kijkers en donkere pagekop: een fleurig jong ding, eenvoudig en ongekunsteld, echt in famke út it Fryske lân, slank en lenig en stralende van blozende gezondheid.”<sup>2</sup>

Se wie kampioene fan Fryslân (9 jannewaris yn Skarsterbrêge), Grins (5 febrewaris yn Onderdendam) en behelle sulver yn West-Fryslân (12 febrewaris yn Inkhuizen). Foardat se yn Tsjerkwert op 'e baan ferskynde hie se

#### Hardrijderij om levensmiddelen.

Ieder, die wil medewerken om in dezen barven en langdurigen winter armoede te helpen lenigen, wordt met vreude begroet. Maar de wijsse wasrop men armoede wil helpen lenigen heeft gressen. Een hardrijderij op schaatsen (achter den Huusentuin) om levensmiddelen anz. behoort niet tot een van de wijzen, waarop in den heerschenden nood moet worden voorzien.

Er wordt gelukkig op andere en waardiger wijze zeer veel gedaan. De bedoelde hulpverlening haalt een mensch omlaag, vernedert hem. Dat mag niet. Daarom dit advies:

Niemand geve zich voor dezen onwaardigen wedstrijd op.

Niemand geve zijn gave voor deze wijze van hulpverlening.

Het bestuur van den Armenraad te Leeuwarden.

A. DE VOS, voorzitter.

A. VAN VLIET Pz., secretaris.

yn dy winter mei fûle froast al 1775 gûne wûn, in sulveren leppel en foarke, in pear redens, in gouden keatling, in sulveren medalje fan de keininginne, in sulveren taartskeppe, medaljes en in sulveren tûke fan De Lieke.

Mei de riderij yn Tsjerkwert siet de winter der suver op. Hjir koe se noch ien kear skitterje en dat die se yn de lêste rit om priis en preemje. Korps Eensgezindheid wie derby en “liet vanaf de wal hare tonen over de banen klinken en bracht eene vrolijke stemming in de dichte haag van toeschouwers van heinde en ver gekomen om Frieslands kampioene te zien rijden trots de felle kou die er was.”

De sinne liet har dy deis amper sjen en de matige noardeastenwyn soarge derfoar dat it foar it gefoel oerdei gemiddeld wol tolve graden frear. Op 'e boppeseal fan Wed.

Zwaagstra aan 'e Waltawei, yn 'e Houten Ferdommenis sa't it folk de seal fan kafé De Vlijt neamde, wie it nei ôfrin feest en koe Geesje har jild yn ûntfangst nimme. De kastelein sil ek wol glimke ha, mei it swit op 'e kop, want dit soarte fan dagen wiene fansels in boppeslach. Mar de winter siet der hast op, it mindere hurd mei de riderijen en 18 maart wie it dien en koene de skippen wer troch de trekfeart. It wie in winter om net gau te ferjitten. Geesje hie in wier kaptaal by inoar rideen.

*Gerben D. Wijnja*

<sup>1</sup> 't Skieppesturtje maart 2001

<sup>2</sup> Vrouwen in de hardrijdersbaan. Van der Woude wie de skûlnamme foar Douwe Miedema



## Korps Eensgezindheid 95 jier

### Aktiviteiten

8 Oktober hawwe wy spile op it HaFaBra-konsert yn Tsjom. Dit wie in tige slagge en muzikale jûn. Us jierlike krystkonsert op 18 desimber mei meiwurking fan sjonggroep Majim út Koudum waard troch ús besikers ek wer goed ûntfongan. Mei inoar hawwe wy in soad nocht en wille yn de muzyk.

Ynteresse om mei te spiljen? Nim kontakt mei ús op!

### Eensgezindheid 95 jier!

Yn 1921 kamen fiif mannen út Tsjerkwert by elkoar om in muzykkorps op te rjochtsjen.

Hja fregen her en der yn it doarp oft der ek belangstelling foar wie en sa kamen noch alve man by de besteande fiif. Der moast jild op tafel komme om ynstruminten te keapjen. Men fûn 26 doarpsbewenners ree om foar 25 gûne oandielhâlder te wurden yn de nij op te rjochtsjen feriening. De leden leinen elts 10 gûne yn. Sadwaande koe men foar in bedrach fan 810 gûne fjirtjin "hoornen" en twa trommen keapje. De oanskaf fan muykstikken soe op kosten fan de leden komme. Yn oerlis mei de direkteur, de hear Faber, waard besletten dat de feriening de namme "Eensgezindheid" dragen gean soe.

Op 22 jannewaris 1922 kaam it korps foar de eerste kear by elkoar yn de kristlike basisskoalle. Sa begûn it! Yn 2017 bestiet ús korps 95 jier. Wy binne dus jierdei, wa't jierdei is, hâldt in feestje. Jim binne allegearre wolkom!

**Wanneer?** Op sneontejûn 25 maart 2017

**Hoe let?** Fanôf 20.00 uur

**Wêr?** It Waltahûs

**Yntree?** 10 euro, mei hapkes en drankjes únder it konsert!

### Op de Aginda

**25 maart** 95-jierich jubileumkonsert

**9 en 10 juny 2017** festival Skiermuontseach

**"In doarp mei in korps hat krekt dát, wat in doarp súnder korps nét hat!"**

[www.fanfare-eensgezindheid.nl](http://www.fanfare-eensgezindheid.nl) of folgje ús op **Facebook!**

## Ympresje by sierlik winterwaar en in iisklup dy't 140 jier bestiet

“Eins baal ik der fan dat it better is dat ik de redens net mear ûnderbyn. Mar tagelyk is der safolle te genietsjen. De baan is iepen, net allinne oerdeis, mar ek de jûns. De mannen fan de iisklub ha de koek- en sopywein nei it fjlid brocht, der is musyk, it krassen fan de redens klinkt der hoar boppe út. It is kåld. In grimmitige noardeaster bringt kjeld oer it iis, mar der wurdt net klage. De baan is iepen, hieltyd mear minsken fine it paad hjirhinne. Der is fleur en wille, waarme súkelarjemolke foar de kålde hinnen en roppige magen. De ljochten skine oer de baan dy't der, as it net winteret, as in tsjuster gat hinne gappet tusken Himdyk en doarp. En hieltyd wer lôget it flammeskynsel oer de pôle at der nij hout yn it kacheltsje goaid wurdt. In goed idee fan de iisklub. Yn datselde ljocht siket de reek spûkeftich yn útwrydske kronkels har paad troch de tsjustere loft. Dérûnder lûke de riders harren baantsjes salang at it noch kin, want de waarmannen ha lij reinwetter yn ‘e foarsizzing. Dochs kin dizze feestlike ûnderfining it jubileumjier in passende, beskieden sjarme jaan.”

Gerben D. Wijnja

# IJSKLUP TSJERKWERT





# 60+ Soos bijna 50 jaar jong

**Op 9 december 1970 is de bejaardensoos van start gegaan na voorbereiding door de dames Postma, Draaijer, Leestemaker en Buwalde.**

Er waren 30 leden. Eigenlijk is er niet veel veranderd aan wat zij deden en wat wij nu doen. Ook toen waren er al reisjes, ook met de bus. Maar wel alleen in Friesland. Zo gingen ze in 1975 naar het Planetarium in Franeker. Over de periode 1976 tot 1991 is niets bekend, omdat er een notulenboek weg is. In 1992 werd Alie Kroontje door Hinke Kooyenga gevraagd om haar te helpen, samen met Sari de Boer. Een jaar later verhuist Sari en komt Hinke Twijnstra erbij. Intussen is de naam bejaardensoos veranderd in 60+Soos. In 2003 komt Hinke Brandsma bij het bestuur, omdat Hinke Twijnstra dan EHBO-les geeft.

We zijn nu met 24 leden, maar er kunnen altijd meer bij. Fijn dat er zoveel dorpsgenoten en Dedgummers - en tijdens ons laatste reisje ook mensen uit Parrega - meegingen om de bus vol te krijgen. Wat mooi om dan met 40 personen op reis te gaan. Zo wordt het elke keer weer een geslaagd reisje.

Op 12 oktober 2016 hebben we afscheid genomen van Alie Kroontje als bestuurslid na 24 jaar trouwe dienst. Gelukkig komt Jantsje van der Stap ons versterken. Ter afsluiting van onze bijeenkomst op 11 januari deden we het spel "Ren je Rot". Onze quizmaster Hinke Twijnstra had vragen over het laatste nieuws, sport, algemeen en Tjerkwerd toen en nu. Dit was humoristisch, gezellig en goed voor de lijn! Het slimste koppel van de Soos waren Sonja Huitema en Okke Postma.

**Hinke Brandsma**

**Dagbesteding Samen!**

**Singel 4a  
8765 LL Tjerkwerd  
Tel: 06-23335519**

IK WAAK VOOR M'N BAAS  
Betraden op eigen risico

# Biljartvereniging H.T.S. op naar de halve eeuw

In 2017 bestaat It Skieppesturtsje 40 jaar. Een felicitatie waard van de biljartvereniging H.T.S. aan de jubilerende dorpskrant. Nagekeken wanneer de biljartvereniging zou zijn opgericht. Uit notulen blijkt dat de oprichtingsvergadering is geweest op 10-11-1970 in de consistorie te Tjerkwerd. De vereniging bestaat dus dit jaar 47 jaar.

De benaming H.T.S. is ontstaan uit de voornamen van het eerste bestuur van de vereniging namelijk H. de Boer , Tj. Draaijer en S. Postma. Met de start van de vereniging waren er 25 leden maar door de jaren heen staat het ledental nu op 13 leden. Er kunnen dus nog een paar bij.

Vele jaren is er ook gebiljart tegen omliggende dorpen Exmorra, Ferwoude, Gaast en Parrega en later Hichtum. Op een gegeven moment begonnen dorpen af te haken en is dit gestopt. Wel doen er nu biljarters mee in

Lollum. Dit heet ondanks de fusiegemeente nog steeds het Wonseradeel Kampioenschap en wordt ieder jaar gespeeld eind februari/begin maart.

Bij de competitie die wij spelen krijgt de winnaar de wisselbeker voor een jaar mee naar huis. Dit is nog steeds de beker van het eerste uur waarin de namen van alle kampioenen staan gegraveerd.

De competitie wordt gespeeld op de dinsdagavond in It Waltahûs gezamenlijk met de kaartvereniging. Het zijn gezellige, sportieve avonden. Daarnaast zijn er nog ongeveer twee aparte wedstrijden welke gespeeld worden op de zaterdagmiddag.

Nogmaals een felicitatie voor It Skieppesturtsje en wij als biljartvereniging gaan nu voor de 50 jaar.

**Biljartvereniging H.T.S.**



## Tsjerkwerter Weissenseegongers aktyf yn de alternative Alvestêdetocht 2017

Op tiisdei 31 jannewaris is der in ploechje Tsjerkwerters ôfreizje nei de Weissensee yn Eastenryk. Op freed 3 febrewaris wie de Alternatieve Alvestêdetocht. Thomas soe ek meidwaan, mar dy wie befongen troch de gryp sis mar en koe spitergenôch net meidwaan.

It wie in drege tocht. It wie taaiwaar en der lei in soad wetter op it iis. Jelle hat de tocht folbrocht, klasse. Bertus Rinze en

Evert wiene krekt te let foar de lêste rûnte, mar hiene 183,3 km op de teller. Thea dy hat 150 km rideen. Ek hiel knap.

### **De Weissenseegongers**

*By de foto's: Links de hiele ploech, midden binne Jelle en Thea by de start fan de Alternative Alvestêdetocht. Rjochts sjogge wy Bertus Rinze en Evert doe't se krekt oer de einstreep wiene mei de Heegemer dekdweilers op de eftergrûn.*

# *“In sjongend folk giet nea ferlern!”*

*Tsjerkekoar fan*

*Tsjerkwert - Dedzum*

*en omkriten 60 jier*

It tsjerkekoar bestiet dit jier al 60 jier. 15 febrewaris 1957 is it oprjochte troch mefrou Overduin, hja wie de frou fan de dûmny fan eartiids. Al dy jierren hat der in ferskaat oan diriginten foar stien, sawol manlju as froulju en elts hie syn of har ynbring oer wat foar ferskes der sjongen wurde moasten. It wie somtiden allinne út it tsjerkeboek, mar ek wol musyk fan Bach, Bortnianski, Mendelsohn, Händel en Bernard Jouke Fritsma. Wy sjonge yn't Frysk, Nederlânsk, Ingelsk, Dútsk en sels ek noch yn it Latyn. Drege stikjes en fleurige stikjes sa as Agnus Dei, Be still and know, As út it leech de swanneblommen en bygelyks You'll never walk alone. Sa as jimme sjogge foar elk wat wils.

Us ledental giet op en del: sa hawwe der in skofke mar 14 minsken meisongen en no op dit stuit binne wy mei 22 persoanen. Se komme fan ferskate plakken, net alline út Tsjerkwert en Dedzum. Guon komme út Boalsert, oaren út Parregea en sels ien hielendal út Bûtenpost.

Ek hawwe wy twa jubilarissen yn de ploech te witten Sjoerd Breeuwesma en Alie Poelstra. Sy binne al 45 jier yn 't spier by it koar en sjonge noch altyd it heechste liet. Troch de gemoedelike sfear en it meilibjen fan elts fine de leden it in tige gesellige ploech. Wy hawwe ek in protte wille meielkoar.

Us diriginte Tineke Feenstra út Twellegea hat yn 2016 de hear Hylke Faber opfolge; se hat der in soad nocht aan en wy dogge tige ús best om it har nei de sin te meitsjen.

Snein 12 febrewaris hawwe wy meidien oan de tsjerketsjinst en ús jubileum fierd.

Liket it jo ek skoan om mei ús mei te dwaan, op nei de 65 jier, dan binne jo fan herte wolkom op tongersdeitejûn om 19.45 oere yn it Waltahûs.

Skieppesturtredaksje, lokwinske mei jimme 40-jierrick jubileum en ek mar gewoan trochsette op nei in nij jubileum.



# LJIPAAISYKJEN

## fan jierliks firus nei beskermde status sûnder kriich

It sit der op: allinne it earste aai telt noch yn provinsje en gemeenten en dan giet de boel op slot en mei der net mear socht wurde. Dat betsjut dat der ek in ein kommen is oan ús kriich om it earste fan Tsjerkwert dat alle jierren mei waard en de lêste jierren ek ús Skieppesturtsje. It ôfsakke nei de status fan Dat docht sear yn 'e herten natoerfreonen dy't de kriich graach ferbûnen oan de neisoarch te dwaan. Wy nammen fan de aaisikers dy't beker grafearré krigen ha om't takaam.

in wikselbeker beleanne  
mei in moai ferslach yn  
aaisykjen is dérmei  
neisoarch en oars neat.  
fan de betûfte  
om it earste aai ek  
opjefte om oan  
jouwe hjirûnder de  
harren namme yn de  
de ear fan it earste harren

Fanôf 1981 hat de redaksje de wikselbeker beskikber steld. Op 17 maart fan dat jier fûn Jaap van Lingen it earste aike. Hy fûn ek it lêste earste aai yn 2014. Hjirûnder in folslein oersjoch.

1981	17 maart	Jaap van Lingen	1982	18 maart	Jan Blanksma
1983	21 maart	Jaap van Lingen	1984	29 maart	Bernard Algra
1985	27 maart	Jaap van Lingen	1986	26 maart	Tsjalke v.d.Meer
1987	29 maart	Jaap van der Wal	1988	17 maart	Jan Blanksma
1989	16 maart	Hylke Feenstra	1990	15 maart	Tsjalke van der Meer
1991	17 maart	Jan Blanksma	1992	16 maart	Jelle Brandsma
1993	19 maart	Bouwe Speerstra	1994	15 maart	Jan Blanksma
1995	17 maart	Eelke Algra	1996	26 maart	Jaap van Lingen
1997	17 maart	Wieger Bakker	1998	18 maart	Klaas Boersma
1999	18 maart	Eelke Algra	2000	17 maart	Sieko Postma
2001	aaisykjen wie dit jier ferbean		2002	17 maart	Jan Blanksma
2003	19 maart	Anno Galama	2004	20 maart	Klaas Boersma
2005	<i>"de kompetysje is fuort, de aardichheid is der ôf no't der allinne mar socht wurde mei"</i>				
2006	13 maart	Jaap van Lingen	2007	13 maart	Jaap van Lingen
2008	15 maart	Klaas Boersma	2009	17 maart	Rintsje Bakker
2010	16 maart	Rintsje Bakker	2011	18 maart	Jaap van Lingen
2012	21 maart	Rintsje Bakker			
2013	<i>"in grut djiptepunt yn 'e skiednis fan dizze fügelsport. "Gjin dop"</i>				
2014	17 maart	Jaap van Lingen syn namme wurdt as lêste aaisiker yn 'e beker gravearre.			

**Yn 2015 en 1916 is der gjin earste aai oanbean.**

Earder as 13 maart is it earste aai yn ús omkriten net fûn sânt 1981. Wat dêrfoar barde is nea registrearre en falt bûten ús eachweid. Op syn letst kaam 29 maart op 'e beker.

De ferslaggen dy't ik skreaun ha oer de aaisikers en harren ûnderfinings binne samle en sille mooglik bondele wurde ta in boekje. It binne de skôgings oer de lêste jierren wêryndat kriich noch folop libbe. Yn 2017 is der besletten dat de ear fan it finen fan in earste aai yn elke gemeente noch mar om ien aai giet. Dérnei is it foar in protte aaisikers dien mei de wille fan it sykjen. Om dy reden koe it earste aai ek net mear by ús oanmelden wurde en is der in ein kommen oan it Ijipaaifirus dat ús betrûfte aaisikers jierrenlang yn 'e besnijding holden hat. De beker mei alle nammen is dêrmei in monumint fan in tradysjerike greidefûgelbeskerming wurden. Hoe't it yn de takomst komme sil wurdt mei mingde gefoelens ôfwachte. Sil it saneamde 'frije fjild model' genôch útdaging jaan, sadat it ek ûnder de jongerein nije greidefûgelbeskermers opsmite sil? De takomst sil it leare.

**Gerben D. Wijnja**



*Op de foto' fan Gerben D. Wijnja:  
W. Bakker, J. Blanksma, A. Galama,  
R. Bakker, J. van Lingen en K. Boersma.  
Op de grutte foto Jaap van Lingen oan it  
sykjen yn it fjild achter Tsjerkwert.*



# Werkgroep CULTUUR TJERKWERD

**Cultuur - Onder cultuur vallen prestaties op het gebied van beeldende kunst, muziek, film, dans en toneel, maar ook uitingen die te maken hebben met gewoontes, tradities, feestdagen, etc.**

**Tjerkwerd kent op verschillende terreinen een rijke geschiedenis. Denk aan muziekuitvoeringen, dorpsfeesten, tentoonstellingen, dorpsfilms, winteravonden, Tsjerkepaad, etc.**


**Werkgroep Cultuur Tjerkwerd** - De Werkgroep Cultuur Tjerkwerd is in het leven geroepen door het bestuur van Dorpsbelang Tjerkwerd naar aanleiding van de tweede Dorpsvisie. De oprichtingsvergadering was op 24 juni 2015. De werkgroep bestaat uit een zestal dorpsbewoners. Voorzitter is Fokko Rollema.

**Doe**l - Doe van de werkgroep is het bedenken en mede organiseren van culturele activiteiten in brede zin. Fiets- en wandeltochten, lezingen, muziekuitvoeringen, samen koken en bakken, exposities en uitstapjes. Ook het onder de aandacht brengen van kerk en interieur, de vleermuizen (zie foto Zomer Bruijn), interessante historische panden en nog veel meer. Het is niet zo dat de werkgroep alles zelf organiseert, maar ze neemt wel vaak het initiatief.

## Wat is er al gebeurd? Zomaar een paar voorbeelden.

**Huiskamerconcerten** - Op 10 maart 2016 organiseerde de werkgroep geslaagde huiskamerconcerten op twee verschillende locaties, gevolgd door een gezellige nazit in de kerk met een hapje en een drankje. Mariette Hornsveld had eerder al de weg gewezen door muziekuitvoeringen in haar huiskamer.

**Ir. Woudagemaal, Lemmer** - Uitstapje van dorpsbewoners naar het Ir. Woudagemaal op zondag 9 oktober 2016. De rondleiding werd verzorgd door werkgroeplid en dorpsgenote Sietske Fritsma. Het gemaal is een uniek monument. Terecht op de UNESCO-werelderfgoedlijst geplaatst. Het werkt nog steeds, al sinds 1920.



**Lezing** - Succesvolle lezing door Carolien Roodvoets in de St. Petruskerk op zondag 22 januari 2017. De aanwezigen luisterden een uur lang geboeid naar de vele voorbeelden uit haar lange praktijk als psychotherapeut. Vaak schrijnende verhalen, soms ook hilarisch, of allebei. Allemaal rond het thema '*Wat zijn de geheimen van een duurzame en goede relatie?*' Ze sloot de middag af met het voorlezen van een kenmerkend verhaal uit een van haar boeken.

**Open Facebook groep 'Cultuur Tjerkwerd'** - Opgestart en beheerd door Gerben Wijnja. Cultureel nieuws uit Tjerkwerd krijgt hier al sinds eind 2013 een plaats. Veel informatieve foto's en teksten. Aankondigingen en verslagen van evenementen, muziekuitvoeringen, tentoonstellingen, filmpjes, schilderijen, tekeningen en andere creatieve uitingen, maar ook reisverslagen en historische wetenswaardigheden.

## Wat staat in 2017 verder op het programma?

**Lezing** - Op 5 maart 2017 houdt Koos Stel de tweede lezing van dit jaar in de St. Petruskerk. Onderwerp: VERSTEEND VERDRIET. Symboliek en gebruiken op het kerkhof. Bij de lezing zal hij foto's projecteren.

**Weiland excursie** - Voorjaarsbezoek aan weilanden rond Tjerkwerd onder leiding van natuurliefhebbers. In eerste instantie bedoeld voor de schooljeugd van Tjerkwerd.

**Tjerkwerd te kijk** - Kijkdozenroute van 13 t/m 28 mei 2017. Dorpsbewoners tonen in kijkdozen mooie spullen uit eigen bezit, of zelfgemaakte creatieve producten. In



*Deel van de vleermuizenpopulatie op de zolder van de kerk in Tjerkwerd. foto Zomer Bruijn*

de kerk hangen foto's, schilderijen en tekeningen met *Tjerkwerd* als onderwerp.

**Muziek** - In november geeft trompettist Eric Vloeimans samen met het korps een concert in Tjerkwerd. Opgeleid aan het Rotterdams Conservatorium. Speelt graag samen

met muzikanten uit andere muzikale werelden zoals pop, jazz, klassiek, flamenco, hiphop, etc. Hij heeft een karakteristiek geluid dat ingetogen, zacht en fluwelijk wordt genoemd.

**Winteravond** - Eind 2017 wordt opnieuw een gezellige winteravond georganiseerd.

## **Uitnodiging Dodenherdenking Donderdag 4 mei 2017 in Tjerkwerd**

Op **donderdag 4 mei** herdenken wij de oorlogsslachtoffers.

Bij de St Petruskerk wordt de dodenherdenking gehouden bij het monument “*Opdat wij niet vergeten*”.

Het thema voor 2017 is:

**“Geef vrijheid door”**

Wij nodigen u uit deel te nemen aan deze herdenking.

We verzamelen om **19.00 uur** op  
het schoolplein van CBS de Reinbôge.

Om 19.20 uur lopen we, in stilte, gezamenlijk naar het Waltahuis,  
waar de stille tocht naar het monument begint.

**4 mei comité Tjerkwerd**

(Anita Hekkema, Heleen Wilts, Foekje Bakker, Joke de Jong, Geertje Bakker en Mireille Galema)

Om de herdenkingen in stand te houden, kunt u (ter bestrijding van de onkosten) een gift doen bij het verlaten van het kerkhof of een gift overmaken op bankrekeningnummer: NL 13 ABNA 097085800, ten name van Dorpsbelang o.v.v. bijdrage 4 mei comité Tjerkwerd



**EHBO vereniging Tjerkwerd feliciteert de redactie van 't Skieppesturtsje met het 40 jarig jubileum. In de afgelopen 40 jaar zijn natuurlijk meerdere mensen actief geweest bij het samenstellen en bezorgen van ons dorpskrantje. Ook al deze vrijwilligers verdienen een pluim, want ook dankzij hun inzet en enthousiasme houdt 't Skieppesturtsje iedereen al die 40 jaar op de hoogte van het dorpsnieuws. Proficiat!!!**

Ook de EHBO vereniging viert dit jaar haar 60-jarig jubileum en is opgericht op 18 oktober 1957. De eerste cursus werd gevuld door 10 cursisten en de daarop volgende jaren groeide het aantal leden gestaag. Toch waren er ups en downs: zo was het ledental in 1980 gereducteerd tot nog maar zeven mensen. In deze periode werden de lessen in de huiskamer van een van de bestuursleden gegeven. Gelukkig hebben we inmiddels 40 EHBO'ers en een kleine 20 mensen die de AED kunnen bedienen. We zijn daarmee een bloeiende vereniging.

Vanaf midden jaren 80 wordt er ieder jaar EHBO aan groep acht van de basisschool gegeven, zodat ook de jeugd met eerste hulpverlening in aanraking komt. Het doel van de vereniging is, dat de leden eerste hulp kunnen verlenen bij ieder type ongeval dat zich voordoet. Dit kan op het sportveld zijn, bij een verkeersongeval of zomaar een klein ongelukje op straat of bij mensen thuis. Ook kunnen leden gevraagd worden bij evenementen aanwezig te zijn om ook daar zo nodig eerste hulp te verlenen. Onze leden volgen tijdens de wintermaanden hun herhalingslessen onder leiding van onze gediplomeerde kaderinstructrices Hinke Twijnstra, Akke Gietema en Evelien Bakker. Herhaling van de reanimatie valt hier ook onder.

ALS ELKE SECONDE TELT... kunnen we dan op jou rekenen? Volgens gegevens van de hartstichting kunnen 2 miljoen mensen reanimeren. Je hoort en ziet reclame via de media om mensen warm te maken, zich in te zetten als hulpverlener. In Tjerkwerd hangt een AED aan de muur van het Waltahuis. Hoe meer mensen daar mee overweg kunnen des te beter voor het redden van levens. Als je wilt leren reanimeren en bediener AED worden, laat dit dan aan het EHBO bestuur weten, want bij voldoende aanmeldingen kan er een reanimatie cursus worden gestart. Opgave via [www.ehbo.tjerkwerd@gmail.com](mailto:www.ehbo.tjerkwerd@gmail.com) of telefonisch bij een van de bestuursleden.



## **Onderscheiding voor eveneens jubilerende Akke de Haan**

Op vrijdag 3 maart hield de EHBO vereniging haar jaarvergadering in het Waltahûs. Op deze avond was mw. T. Muurling van district Friesland aanwezig om een van onze leden in het zonnetje te zetten. Het ging om Akke de Haan. Zij heeft 40 jaar geleden haar EHBO-diploma

behaald in Bolsward. Na een paar jaar lidmaatschap in Bolsward heeft Akke als oud-Tjerkwerder zich bij onze vereniging aangesloten. Zij ontving daarom voor 40 jaar EHBO'er van mw. Muurling de Dr. C.B. Tilanus Jr. onderscheiding. Een medaille en een gouden speld, die uitgereikt wordt aan EHBO'ers die zich op een bijzondere manier verdienstelijk hebben gemaakt. De voorzitter vertelt dat Akke een trouw lid is en 23 jaar de financiën van de vereniging heeft beheerd en overhandigt haar een bord met o.a. het EHBO logo en bloemen. Ook wordt ze benoemd tot erelid van de EHBO-vereniging. Akke is door dit alles blij verrast.





## Doarpsbelang Tsjerkwert e.o.

### NIEUW BESTEMMINGSPLEN

Op verzoek van het team Ruimtelijke Ontwikkeling en Economische Zaken van gemeente Súdwest-Fryslân vragen wij uw aandacht voor het volgende:

Een bestemmingsplan is een belangrijk document voor een bepaald gebied. Er staan regels in voor het gebruik en bouwmogelijkheden. Deze regels zijn van groot belang voor het verkrijgen van bijvoorbeeld een bouw-/ omgevingsvergunning. Momenteel is de gemeente bezig met het actualiseren van 14 bestemmingsplannen. Het gaat hierbij om de bebouwde-kom-gebieden van de dorpen Arum, Burgwerd, Dedgum, Ferwoude, Hartwerd, Hichtum, Idsegahuizum, Kimsward, Lollum, Longerhouw en Tjerkwert. Dit wordt samengevoegd in één nieuw bestemmingsplan Dorpen Noord West gemeente Súdwest-Fryslân. Het ontwerp van dit nieuwe bestemmingsplan komt van 24 februari tot en met 6 april a.s. ter inzage te liggen.

Voor verdere details en vragen hierover verwijzen wij u naar onderstaande publicatie.

### ONTWERP BESTEMMINGSPLEN DORPEN NOORD WEST GEMEENTE SÚDWEST-FRYSLÂN

Burgemeester en wethouders maken bekend dat zij het ontwerp van het bestemmingsplan Dorpen Noord West gemeente Súdwest-Fryslân ter inzage leggen.

#### WAT HOUDT DIT BESTEMMINGSPLEN IN?

Op grond van de Wet ruimtelijke ordening is de gemeente verplicht elke 10 jaar een bestemmingsplan te actualiseren. Bij actualisatie kunnen plannen worden aangepast aan vernieuwde inzichten en wijzigingen in beleid. Actualisatie van de plannen maakt het ook mogelijk om de regelgeving eenvoudiger te maken.

Eveneens worden alle in de voorliggende periode verleende vrijstellingen, ontheffingen en afwijkingsbesluiten verwerkt in het nieuwe plan. Bij actueel beleid kan er snel worden ingespeeld op de markt. Ongewenste ontwikkelingen kunnen worden voorkomen en gewenste ontwikkelingen kunnen eerder worden gerealiseerd.

Met dit bestemmingsplan worden er 14 bestemmingsplannen geactualiseerd. Het betreft de dorpen Arum, Burgwerd, Dedgum, Ferwoude, Hartwerd, Hichtum, Idsegahuizum, Kimsward, Lollum, Longerhouw en Tjerkwert.

#### WANNEER EN WAAR KUNT U DE STUKKEN INZIEN?

Het ontwerp van dit bestemmingsplan kunt u inzien vanaf 24 februari tot en met 6 april. Dit kan bij de gemeentelijke loketten in Bolsward en Sneek.

*Het ontwerp is ook te bekijken op de website [www.ruimtelijkeplannen.nl](http://www.ruimtelijkeplannen.nl). Het planidentificatienummer van dit bestemmingsplan is: NL.IMRO.1900.2016noweBPdorppnw-ontw*

#### HOE KUNT U REAGEREN?

Tijdens de bovengenoemde inzagetermijn kan iedereen schriftelijk zijn zienswijze indienen.

Deze kunt u sturen naar de gemeenteraad van Súdwest-Fryslân, Postbus 10.000, 8600 HA te Sneek.



### NIEUWE LANTAARNPALEN MET LEDVERLICHTING GEPLAATST

Sinds kort heeft de gemeente de grotendeels verouderde lantaarnpalen in Tjerkwert vervangen door nieuwe palen met moderne dimbare ledverlichting. Tevens is het uitbreidingsplan 'Dyksicht' voorzien van deze zelfde verlichting.

#### 60% energiebesparing

De LED-lampen hebben meerdere voordelen. De nieuwe LED-lampen hebben dimmers, waarmee de verlichting 's avonds geleidelijk gedimd wordt (tot ongeveer 40%) en 's ochtends weer feller worden. Zo wordt er



## DE NIJE TRIJE



Minicamping/Appartementen/Glamping

Túnkafee & Theeschenkerij

Plantenwinkel, Kwekerij & Wandeltuinen

### Ook voor o.a.

- Feesten & Partijen
- Familie weekend
- Vrienden weekend
- Bedrijfsfeest
- Bier/Wijn proeverijen
- High Tea
- Vergaderingen

### Contact gegevens:

Minicamping & Túnkafee  
De Nije Trije  
Nesserlaan 4a  
8749 TC Pingjum

[www.denijetrike.nl](http://www.denijetrike.nl)  
[info@denijetrike.nl](mailto:info@denijetrike.nl)  
0517 - 57 95 87


Zin in een avond iets anders?  
Misschien iets te vieren?  
Een avond met de  
**BierTroubadour!**

Een Bierproeverij afgewisseld met  
verhalen en muziek over Bier.

Tijdens een avond met de  
BierTroubadour staat alles in het teken  
van bier. Langs een route van landen,  
geschiedenis, weetjes en het brouwen  
van bier wordt er met name  
**bier geproefd.**

Vrijgezellenfeest  
Personalsfeest  
Horeca training

Op locatie of in Túnkafee De Nije Trije  
gecombineerd met een overnachting!



ongeveer 60% aan energie bespaard t.o.v. de oude verlichting en er is 's nachts minder lichtvervuiling.

Voorheen zag je dat lantaarnpalen 's nachts om en om aan en uit stonden. Met de nieuwe energiezuinige ledverlichting blijven alle lampen gedimd aan, waardoor het licht zich beter verspreidt.

Je kunt het verschil goed zien: de oude lampen verspreidden een geel-oranje licht, terwijl de LED-lampen een kenmerkend wit licht geven. In het witte licht zijn kleuren beter te onderscheiden dan in het geel-oranje licht. Weggebruikers ervaren het LED-licht dan ook vaak als veiliger.

### LEDENVERGADERING 2016

Op 25 november jl. was onze jaarlijkse ledenvergadering. Hier verwelkomde onze aftredende voorzitter Theo Galema ca. 50 aanwezige leden. Tijdens onze bestuursvergadering in januari is Fokko Rollema benoemd tot voorzitter. Anneke Speerstra heeft haar taken als penningmeester van Astrid de Boer overgenomen. We wensen Fokko en Anneke veel succes in hun nieuwe rol.

Het goedgekeurd jaarverslag 2016 en de notulen van boven genoemde ledenvergadering kunt u inmiddels terugvinden op onze website.

Het bestuur

Contact: [www.tsjerkwert.nl/dorpsbelang](http://www.tsjerkwert.nl/dorpsbelang)

[dorpsbelangtsjerkwert@gmail.com](mailto:dorpsbelangtsjerkwert@gmail.com)

### VERZORGING BLOEMBAKKEN

#### OPROEP! VRIJWILLIGER GEZOCHT

**VANAF KOMEND VOORJAAR ZULLEN OPNIEUW ONZE BLOEMBAKKEN AAN DE BRUGLEUNINGEN WORDEN AANGEBRACHT MET SPECIAAL GEKWEEKTE BLOEIERS.**

**OM ZE DE HELE ZOMER DOOR MOOI IN DE BLOEI TE HOUDEN IS HET NOODZAKELIJK DAT DE BLOEMEN VERZORGD WORDEN EN DAT TIJDIG DE WATER RESERVOIRS IN DE BLOEMBAKKEN GEVULD WORDEN MET WATER.**

**(SPECIAAL HIERVOOR ZAL BINNEN KORT EEN WATERKRAAN MET EVENTUEEL EEN STUK SLANG WORDEN AANGEBRACHT AAN DE BUITENGEVEL VAN HET WALTAHÜS)**

**GEMIDDELD DIENEN DE ZES STUKS BLOEMBAKKEN 1X PER WEEK GEVULD TE WORDEN MET WATER.**

**VOOR DEZE BELANGRIJKE TAAK ZOEKEN WE DUS EEN VRIJWILLIGER!**

**AANMELDEN KAN VIA EEN BESTUURSLID VAN DORPSBELANG OF VIA EMAIL**

**[DOARPSBELANGTJERKWERT@GMAIL.COM](mailto:DOARPSBELANGTJERKWERT@GMAIL.COM)**

#### OPROEP! VRIJWILLIGER GEZOCHT!



#### INFORMATIEBORD GEPLAATST

Het heeft even geduurd, maar uiteindelijk staat het er toch, een gloednieuw informatiebord bij de ingang van het dorp. Nu is het ook de bedoeling dat we hier goed gebruik van gaan



maken.

**Verenigingen of andere initiatieven kunnen hun aankondigingen voor het informatiebord melden bij Joke de Jong via**

**Email: [wieger.joke@planet.nl](mailto:wieger.joke@planet.nl)**

**App: 06 – 25 12 19 46**

Joke zal er dan voor zorgen dat de publicatie in overleg vanaf een geschikt moment op het bord geplaatst wordt.

*(foto Fokko Rollema)*

# **“Dy polder moat droech” - net dat wy frijwillich mûnders dêrfoar ferantwurdlik binne, mar dochs**

In oersjoch fan bysûndere aktiviteiten op de Beabuorstermole mei net úntbrekke om’t dit monumint fan wetterskipsskiednis en technyk net fuort te tinken is yn it wynmolelânskip bylâns de provinsiale dyk. Mûnder Pier Zijlsing makke ris de opmerking: “Der waait noch genôch wyn tusken de wynturbines troch om de âlde mole yn bedriuw te hâlden.”

**Doe’t it doarp it earste Skieppesturtsje ferskine liet, waard de mole noch beropsmjittich bemeald troch Wiebren Koopmans. It is nijsgjirrich om werom te sjen op ‘e rin fan al dy bysûnder foarfallen. Koopmans wie hjir yn 1966 mûnder wurden.**

**1982** – Mûnder Wiebren Koopmans kriget gauris help fan Pier Zijlsing. Yn dat jier fierden Wiebren Koopmans en syn vrou Hieke harren 40-jierrich houlik noch op ‘e molepôle yn’t polderhûske.

**1984** – Pier Zijlsing folget Koopmans op. Fanôf doe stiene der gauris “Prakkesaasjes efter it kruirêd” yn’t Skieppesturtsje en úntstie der boartsjendewei in museumke oer 20 ieuwen striid tsjin it wetter, kompleet mei in miniplanetarium.

**1989** – Wiebren Koopmans is ferstoarn op 16 april fan dat jier. De mole stie yn ‘e rou. Hy wenne doe op ‘e Waltawei nr. 57.

**1990** – Yn ferbân mei nije wetterbehearskingswurken is de mealfunksje fan de mole oernommen troch in elektrysk gemaal. Mole en’t Polderhûske binne op 9 maaie foar ien gûne offisjeel en feestlik oergien yn it besit fan De Fryske Mole dy’t der tige wiis mei is.

**1991** – De mole waard ynternasjonaal. Yn gearwurking mei de NHL kamen der folders yn meardere talen. Ek wie de tekst ynsprutsen op kassettebantsjes.

It wetterskip joech in kassetterekôlder.

Leen Huisman en Marja Verzijlberg wiene út namme fan Doarpsbelang belutsen by dizze aksje; it stipe de foarljochting tige, benammen om’t der ek in protte bûtenlanners op ‘e mole komme.

**1994** – Mûndersfrou Hieke Koopmans-Jorritsma is ferstoarn op 15 april fan dat jier.

**1997** – In moaie opmerking fan mûnder Pier Zijlsing: “As de mole in dei draait, krekt as moat it Wouda-gemaal dan fuort ek opstarten wurde.”

En Pier wie krekt en wist sels it tal omgongen fan de mole-as: 94.826. “Der is frijwat wetter fermeald,” sa skreau er yn syn Molenprakkesaasjes.

**1999** – Millenniumspektakel op de mole. It achter ús lizzende millennium waard op in skrouske dei mei

flagelinten fan de skoalbern tusken de wjukken útswaaid. It wie yn de âldjiersjûn al tsjuster doe’t de mole noch yn in dampige dize mealde mar it jier 2000 waard mei in fleurich sintsje ynmeald.

**2000** – Simmer 2000: der ferskynde op ‘e foarjûn fan it feest by De Fryske Mole in boekje oer de mole, skreun troch Gerben D. Wijnja.

**2002** – De mole krigt in nije sturt sadat de mole wer feilich op ‘e wyn kroade wurde koe.

**2003** – Yn’t Polderhûske kaam in tentoonstelling fan miniatuermodellen fan âld-mûndersfeint Van der Meer út Boalsert.

**2004** – Op 11 desimber ferstoar mûnder Pier Zijlsing. De mole stie yn ‘e rou.

**2006** – Jouke Hylkema publisearre syn Beabuorster Monologen. Mûnder Koopmans en syn vrou Hieke hiene ris witte moatten dat harren praat nochris liede soe ta de Rely Jorritsmapriis. Yn dat selde jier waard yn it polderhûske fan de mole in oerienkomst tekene tusken De Fryske Mole en it Wetterskip Fryslân oer de ynset fan sa’n tweintich âlde wettermûnen by ekstreame wetteroerlêst.

**2015** – Nei restauraasje krigt de mole syn wjukken wer werom. Op 13 novimber wie it feest op de molepôle.

**2016** – Mûnder Kees Posthuma ferstoar 9 oktober. De mole stie fansels wer yn ‘e rou.

**2017** – Party vrijwilligers ha yn’t spier west foar de mole of binne dat noch: Pier Zijlsing en Kees Posthuma, Maye Teernstra, Gerben D. Wijnja, Jos Hoogenboom, Henk Kuipers, Jentje van der Stap en Sjoerd de Roos.

**It boekje oer de mole is al jierrenlang útferkocht.**  
Miskien dat der yn ‘e rin fan ‘e tiid in mij boekje ferskine kin, sadat wy de leafhawwers dêrmei wer skewiele kinne. De mûnders Henk Kuipers, Jentje van der Stap en Sjoerd de Roos sjogge jo ek yn ‘e takomst graach op ‘e mole.

*Gerben D. Wijnja*





## Oranjevereniging Tjerkwerd "Mei inoar ien"

Ieder jaar organiseert de Oranjevereniging een 3-tal feesten: Koningsdag, het dorpsfeest en het Sinterklaasfeest. Op Koningsdag, 27 april, wordt er o.a. kaatsen, volleybal, jeu des boules georganiseerd. Er is vaak een activiteit waar iedereen aan kan deelnemen en voor de kinderen zijn er spelletjes en disco. We sluiten de dag af met een barbecue voor het hele dorp. Ook het dorpsfeest valt onder verantwoording van de Oranjevereniging, dit jaar vindt het plaats op 7 en 8 juli met als thema "het Wilde Westen". Eén keer per twee jaar is er zeskamp en strijden de buurten tegen elkaar door middel van spellen en elke vier jaar is er een optocht met versierde wagens. Als er geen zeskamp is organiseren we een aantal spellen waar iedereen aan mee kan doen en wordt er vaak een bijdrage verwacht van de buurten op vrijdagavond. Natuurlijk ontbreekt het kaatsen, volleybal en jeu des boules niet op het dorpsfeest.

Tot slot organiseren we het sinterklaasfeest voor de kinderen, dit jaar komt de Sint op 25 november in Tjerkwerd aan. Voor alle kinderen tot en met groep 5 is er een cadeautje.

Elk jaar vindt de ledenvergadering plaats in januari; hierin wordt er verslag gedaan van de activiteiten van het voorgaande jaar en verteld wat er dit jaar weer op het programma staat. Afgelopen keer hebben de aanwezigen zelf kunnen stemmen over het thema van het feest, dit was heel positief.

Heel graag tot ziens op één van onze activiteiten!!

Dit jaar heeft er weer een bestuurswissel plaatsgevonden, Jan en Lieske Nota en Auke Walsma hebben afscheid genomen en Ida Folkertsma is ons komen versterken. De samenstelling van het bestuur van de Oranjevereniging Tjerkwerd is nu als volgt:

- |                                 |                     |                      |
|---------------------------------|---------------------|----------------------|
| • Mireille Galema: voorzitter   | Thea Zijssling: lid | Wiebren de Jong: lid |
| • Jaap Visser: secretaris       | Ida Folkertsma: lid | Aly Schakel: lid     |
| • Klaas Boersma: penningmeester |                     |                      |



# Stichting Windkracht Tien

Het bestuur van St. WK 10 wil hierbij de redactieleden en oud-redactieleden van 't Skieppesturtsje feliciteren met het 40-jarig jubileum van de dorpskrant. Het was een geweldig initiatief van de eerste redactie en op naar de 50 jaar.



*Argyffoto's – Duputearre Anita Andriesen iepene offisjeel it Wynpark Beabuorren op 9 juny 2007. Titia Hylkema jout har blommen en seit har tige tank. It wie grut feest yn it fjild by de turbines. In protte folk sette hir op ta en koe sels nei boppen ta yn de gondel fan in turbine.*

Wij, als St. WK 10, maken graag gebruik van 't Skieppesturtsje om de inwoners van Tjerkwerd te informeren omtrent het reilen en zeilen van onze Stichting. Regelmäßig publiceren wij rechtstreeks of via Dorpsbelang over de uitgekeerde bedragen aan de diverse projecten.

St. WK 10 bezit 7,21% van de aandelen van Wynpark Beabuorren en ontvangt hieruit dividenduitkeringen. Sedert de start van het wynpark in 1996 hebben wij van 2006 t/m 2016 € 374.400,- aan dividend ontvangen, alsmede € 11.200,- aan rente van de bank. Onze uitgaven waren: aandelenkapitaal € 2.600,-, uitkeringen € 153.900,-, rente € 3.500,- en algemene kosten € 2.500,-. Het banksaldo bedraagt thans € 223.100,-. Hierbij een overzicht aan welke projecten wij o.a. de uitkeringen zoal hebben gedaan: muziekkorps € 22.800,-, kaatsclub incl. gebouw sportterrein en sportveld € 28.000,-, Pjuttehonk incl. bijdrage nieuwbouw € 11.600,-, speeltuin € 14.900,-, Waltahûs € 18.600,-, zonnepanelen € 6.625,-, Beabuorster Mole € 5.900,-, EHBO € 4.400,-, Oranjever. € 7.300,- en diversen € 34.000,-. Wynpark Beabuorren verkoopt de opgewekte stroom sedert juni 2016 aan Powerpeers. Deze energiemaatschappij koopt groene

stroom in van windparken, zoals Wynpark Beabuorren en zonnepanelen bij particulieren en bedrijven zoals Thialf in Heerenveen. Als particulier kan men stroom en ook gas afnemen bij Powerpeers en daarbij aangeven, dat je graag stroom wilt hebben van Wynpark Beabuorren. Wanneer je zelf eigen zonnepanelen op je dak hebt liggen, dan kan je ook je eigen opgewekte stroom via Powerpeers verrekenen. Voor verdere info zie de site van Powerpeers : <https://www.powerpeers.nl/vrienden-van-beabuorren/>

In 2016 heeft het Wynpark 23.000.000 kWh stroom geleverd. In 2015 was dat 30.000.000 kWh en in 2014 was dat 27.000.000 kWh. Sedert 2008 heeft het Wynpark gemiddeld 26.000.000 kWh geleverd. Dus in 2016 is er weinig wind geweest. Ter vergelijk: 1 zonnepaneel levert per jaar 250 kWh, dus 100.000 stuks zonnepanelen leveren bijna net zoveel stroom als de 8 molens van het Wynpark gemiddeld per jaar. Onze zonnepanelenactie is nog steeds van kracht. U kunt uw bijdrage voor de aanschaf van zonnepanelen aanvragen door middel van indiening van een kopie-aankoopfaktuur bij Jos Falkena, Sylroede 13 of eventueel via ons mail-adres :

[windkracht10tjerkwerd@gmail.com](mailto:windkracht10tjerkwerd@gmail.com).

## Het bestuur

*Jelle Zijssling (voorz.) Cees Nieboer (secr.)  
Jos Falkena (penningm.)*

# Winkelje yn it âlde Tsjerkwert



It tilde hjer op fan de winkeltsjes. Wol spitich dat dat der no net mear is," sa fûnen de gesusters Bakker doe't wy harren sprutsen foar it winterrike jannewarisnûmer fan 2010. "It wie sa gesellich no, eefkes byprate yn 'e winkel. Mar ja, dat kin yn dizze tiid net mear yn doarpkes as Tsjerkwert. Men soe gjin droech brea mear fertsjinje. Alles giet nei de stêd. Mar goed dat de SRV-man út Boalsert noch delkomt." Wy meitsje mei Michiel de Jong in kuier troch it doarp yn eerder tiid en sette de klapbrêge oer, rinne de Kade bydel, om 'e tsjerke hinne troch de Tsjerkestrjitte, oer it Ald Hiem en sa nei de Singel. Wy binne dan bedarre yn it winkelsintrom fan it doarp. In smel kronkelstritsje foarmet it dekôr.

## Nearingdwaanden om 'e tsjerke hinne

**N**ei de brêge geane wy op 'e hoeke by "De Harmonie", wêroer fierderop folle mear, nei de Kade. Op it hoekje op nûmer 2 wie in Itys winkeltsje dat Durk Rusticus dreau. Yn it sanemade "Heechhûs", in diakonykompleks fan 5 keamers, hat in kleannakkerij fan Ruurd Posthumus sitten, mar De Jong hat der ek wenne. Dy hie boppe syn skuonmakkerij. Dat wie gjin fetpot. Michiel wit te fertellen "dat de baas de skuon dy't klear wiene troch it rût nei ûnderen goaide; dan hoegde er net hieltyd te trep rinnen". Op nûmer 8 hie Jan Sytsma yn 1930 in winkel oernommen fan Louw Reinsma. Yn 1949 kocht Freark Schakel de saak, troude in jier letter mei Wiep Miedema, fertimmere de boel en iepene yn 1954 syn grientewinkel. Hjirboppe in foto dy't Richard Schakel ús grutsk sjen liet. Syn heit en mem libje net mear, de saak



is ticht mar hy docht hjer no foaral hiel spesjalistysk timmerwurk. Op 'e hoeke hat ea in kûperij west dêr't Willem Kuiper yn 'e kelder houten fetten en tûnen makke. Ek hie er der touhannel. Sûnt 1775 waard gauris in kûpersfeint frege.

*De Kade mei rjochts de brêge dy't krekt iepen giet en loft de pastorijs. Ek hjer wiene winkellju warber njonken ambachtlike bedriuwkes. De toer fan de tsjerke steekt stoer boppe de bewenning út.  
(foto fan Sytske Dijkstra)*

En dan moat turfskipper Alt de Vries noch neamd wurde. Hy lei steeffêst aan de Kade, flak by de krul of pisherne. Wy geane hjer de hoeke om, ha links de eardere pastory en kosterswent en sette dan rjochtsôf de Tsjerkestrjitte yn.



*It kronkelstritsje yn Fen Fryske Groun fan it jier 1930. Rjocht foar ús út it Griene Krúsgebou met rjochts de saak fan Draaijer en links de bakkerij fan De Jong.*



## De fytsinkel en “Blokker fan Tsjerkwert”

*“Stil en eenzaam ligt het Straatje te Tjerkwerd terwijl de vorst het waschgoed verstijft”,* liet de redaksje fan it Fryskje famyljewykbled Fen Frykske Groun yn 1930 witte.  
Yn it twadde hûs fan rjochts wenne sùnt 1929 de famylje Draaijer mei dêr foar oer bakker De Jong. It gebouw dêr’t wy rjocht tsjn oan sjogge wie it Griene Krúsgebou, mei Tsjamme Draaijer as behearder. Hy wie fytsmakker en ferkocht fytsen fan de merken Phoenix, Batavus, Union en Bato, it B-merk fan Batavus. Fierder hie Draaijer de fytsbannen fan Vredestijn yn ‘e hannel. Mar dat allinne joech net genôch fertsjinst om in grutte húshâlding

iten te jaan.  
In fyts krije yn ‘e minne tritiger jierren wie wat. Tine Kuiper-Twijnstra fan Lemswâld fertelt yn har op skrift stelde oantinkens<sup>3</sup> oer de ‘nije’ fyts dy’t se krike doe’t se acht jier waard: *“Sa as ik der hinne rin, sjoch ik him stean, in fyts, prachtich swart oplakt mei gouden byskes. Myn mûle sil wol iepenfallen wêze, dit wie net te leauwen, soe dy echt foar my wêze? Mei de folle flesse yn ‘e hân werom nei it bûthûs. Heit siet breed laitsjend ûnder de ko te melken. Stammerje, is dy fyts ..., ja, dy fyts foar dy. It gefoel dat je dan krike is net sa maklik te sizzen. Hiel blij. It wie in moai opmoffele fyts by Tsjamme Draaijer wei. In nijenien hie net moaier wêze kind.”*

Winterdeis waarden der redens ferkocht, houtsjes fan Nooitgedagt út Drylts en letter ek noaren fan N.V. Friesche Schaatsenfabriek fan ’t Hearrenfean. Dat wie de earste stielfabrikant foar Havekotte, de makker fan de letter bekend wurden Viking noaren. Fierder slipe hy de redens

*Lofts hjir boppe: it etalaazje mei de Vredestijnreklame. Der steane bosken blommen by, dat der wie grif wat te fierien. Dérûnder stellingen yn ‘e winkel mei boartersguod, boeken en húshâldlik guod. Dérûnder Draaijer dwaande mei syn redens.*  
(fotoalbum Coby Hofstra-Draaijer)



is maklik te sizzen. Hiel blij. It wie in moai opmoffele fyts by Tsjamme Draaijer wei. In nijenien hie net moaier wêze kind.”



<sup>3</sup> Tine Kuiper-Twijnstra – Lemswâld 1930-1950. Partikuliere útjeften. 1986. Tine ferstoar 4-2-2017.

fan sawat alle Tsjerkwerters.

Der kaam letter ek al gau húshâldlik guod op ‘e planken, oanfold mei glanteryen. It wie suver sa’n Blokkerwinkel fan Tsjerkwert, mar de grutte stêd mei har bylkjende winkels mei grutte etalaazjes luts hieltyd mear frouliju oan. Yn 1969 namen dochter Hanny en har man Ype Bonnema de saak oer. Sa’n 2 ½ jier letter wie it dien mei de winkel. Tenei wie men follein oanwiisd op Boalsert. It is noch wol aardich om te fertellen dat hjir yn in fier ferline in skuonmakkerij siet. Bauke Jansen <sup>4</sup>: *“Het gezin Krijtenburg woonde in de buren van Tjerkwerd. Om precies te zijn: Kerkstraat 5, een diaconiewoning, destijds aangeduid als T no. 7 Het huisje had een beperkte oppervlakte van 64 m2 en werd dubbel bewoond. Daarom had het huis twee voordeuren (en dat is nog steeds zo). Elke vierkante meter moet zijn benut: de schoenmakerij met toebehoren, de acht slaapplekken van de gezinsleden Krijtenburg en, in een aparte ruimte, vertoeft een oude vissersman met een ongehuwde dochter. Totaal tien personen. Het spreekwoord ‘schoenmaker blijf bij je leest’ gaat hier wel zeer letterlijk op. Schoenmaker Krijtenburg KON geen stap opzij doen.”*

## “De Tsjerkwerter Miro”



Wy bliuwe noch eefkes yn ‘e Tsjerkstritte en bedarje yn it winkeltsje fan famylje Deelstra. Mevrouw Grietje de Koning-De Haas fertelde oer har Tsjerkwerter ferline oan bern fan CBS De Bron yn Boalsert. Hja wenne doe yn Huylckenstein en krike Rudy Hussein en Huseyin Akkus op besite foar in interview.<sup>5</sup> Wy helje in pear fragmintaan oan út dat fraachpetear.

*“Mevrouw De Koning woonde in Tjerkwerd in een kleine woonboot. Die lag in de Trekvaart naar Workum. Ze had twee broers, maar geen zusjes. Haar vader was Jacob de Haas en haar moeder heette Froukje Steensma. Haar vader was visserman. Ze hadden geen waterleiding en elektriciteit. Ze haalden water in emmers bij boer Reitsma vandaan. Het water werd bewaard in tonnen die op het schip stonden. Een olielamp zorgde voor verlichting. Achter het schip stond de taanketel waarin*

<sup>4</sup> Hy hat hjiroer in wiidweidich artikel skreaun “De schoenmakersdochter van Tjerkwerd” - ‘t Skieppensturtje bylage fan nr. 3, oktober 2015.

<sup>5</sup> Dit ynterview is publisearre yn “Alles had zijn eigen tijd, jeugdherinnering van bewoners van Huylckenstein, opgetekend door kinderen uit groep 5/6 van CBS De Bron uit Bolsward”. Boargemaster Vroegindeweij krike yn novimber 2008 it earste eksimplaar fan dit boek op in feestlike gearkomst.

de netten getaan werden. Later kwam er ook nog een palingrokerij bij.

Ook vertelde ze dat ze tijdens het speelkwartier met haar vriendinnetje naar de winkel ging. Die was dichtbij. Hun eigen woonboot lag een eindje buiten het dorp. Dat was veel te ver lopen. Ze trof het maar. De ouders van haar vriendinnetje hadden een winkeltje in de Kerkstraat. We noemden het een superwinkel. We kregen altijd een bekertje chocolademelk en soms kregen we van bakker De Jong, die daar vlakbij de bakkerij had, koarstkoekjes. Dat is kantkoek en dat kregen we gratis als hij een goed humeur had. Een feest was dat! In het winkeltje werd de koffie nog voor je gemalen in een grote koffiemolen die op de toonbank stond. En als je een half pond suiker haalde, woog mevrouw Deelstra dat in een mooi puntzakje af op de weegschaal. (sjoch de foto mei echtpaar Deelstra) Suiker kwam alleen op zondag in de koffie en de thee. Soms kregen we wel eens een cent. Nou, daarmee gingen we dan natuurlijk ook naar het winkeltje. Voor die cent kreeg je een handvol dropjes, hele kleine salmiakjes. Dan voelde je je rijk. Trots deelde je dan wat uit aan je vriendinnetjes."



De beide froulju hjerunder binne vrou Etje Koopmans-Lemstra (l) en vrou Schukken (r).



Kikstra syn VIVO, wat stiet foar Vrijwillige Inkoop en Verkoop Organisatie, wat in gearwerkingsferbân wie fan winkelmannen dy't ûnôfhinklik wêze woenen. In bekende slachsin wie: "Vivo deelt de lakens uit".

Deelstra siet sa'n bytsje op it krûspunt fan de smelle strjitsjes. Bakker De Jong siet wat ynknyp tusken it tsjerkhôf en it trjitsje, foar de konsistoarje oer, links op'e foto út de Fryske Groun.

Yn 'e Boalsertser Krante fan 16 maaie 1972 stie it nijs oer in revolúsjo-naire fernijning fan dit winkeltsje dat sùnt 12 maaie 1958 oergongen wie yn hanne fan Kikstra. Gjin selsbetsjinning op syn Frysk mar deftich Ingelsk: SELFHELP. Toe mar, it wie syn antwurd op de hieltyd gruttere driging dy't útgie fan de stêd. Ein 1987 gie de winkel ticht neidat Marten

op 19-8-1986 ferstoarn wie.

Dy skaalfergrutting soarge der ek foar dat bakker De




Teje Engelsma, vrou fan bakker Roelof de Jong, en Grietje Kuipers, de beide bakkerinnen dy't de winkel draaiende holden

Jong de lytse Tsjerkestritte ferruile foar in gruttere bakkerij yn Boalsert, hoewol der op 24 maart 1972 noch in "accuraat net meisje" frege waard foar in wurklike fan 42 en in heale oere en sneons frij.

In jier letter, op 7 maaie, iepene Boargemaster Mulder fan Boalsert it nije bôlefabryk. Dat die er troch in krintebôle fan mear as in meter út 'e úne te heljen. Tsjerkestritte wie in winkel earmmer, de grutte stêd in bedriuw riker mei tweintich minsken personiel. It waard mei iepen earmen úntfongen. Anne Gietema, foarsitter doe fan Doarpssbelang, spruts fan in "ontluistering foar Tsjerkestritte". De bakkerij ticht, ferskate wenten leech en hjer en dêr spoaren fan stoarmskea: "It liket raar yn Tsjerkestritte", sa fertelde er it tahearend publyk. De boargemester lykwols priizge de úndernimmingsgeast fan famylje De Jong en seach de needsaak fan de bedriuwsútwreiding wol yn.

Fan lofts nei rjochts vrou De Jong, R. De Jong sr G. De Jong jr. en boarge-master Mulder mei de grutte krintebôle. (foto Frysk Deiblêd fan 8 maaie 1973.) Ta beslút



noch eefkes it Griene Krûsgebou dat wy al earder neamden by de âlde foto út de Fryske Groun. It hûs dêrnjonken, deun tsjin it tsjerkhôf oan, waard bewenne troch Martinus Bonnema dy't molkekontroleur wie. Letter waard syn hûs brûkt als kuolromte foar de bakkerij fan De Jong. It geboutsje krigie letter in gearkomstfunksje fan Stichting It Waltahûs



Krekt as no wiene doe de Sinteklazetiid en de krystdagen in gouden tiid. Der kamen ferlanglistkes yn skelk, hoas, sok, klomp of skoech. En dêr profitearren de winkellju fan. Fansels mochten pipernuten, in taaipop, súkerguoed of banketterletter net úntbrekke, sadat de bakker it ek smoardrok hie wat dat oanbelanget. Oeroeren waarden der ek de jûns makke at de bakker sjoelen of balgoaien om taarten of letters organisearre. De slachter die itselde, mar de prizen bestiene by him út woarsten

### **It Ald Hiem, ûnderdiel fan de Tsjerkestrjitte**

Op ús kuier om 'e tsjerke hinne bedarje wy op it Aldhiem. Dêr wenne Siemen Sysma dy't wy op de foto hjirûnder rinnen sjogge foar de Harmonie achter de bôlekarre fan bakker De Jong. At de paden te min wiene rûn er fierder mei it jûk oer de skouders. Dat leit op 'e bôle-kuorren. Hy wie ek piteroaljeman en hie dêr syn

bynамme "Siemen Bakje" oan te tankjen. De bôlekuorren op it karke makken dan plak foar in lyts piteroaljefetsje dêr't er mei by de doarren lâns kaam te suteljen. Fierder wenne

dêr fan 1935 oant 1949 hússkilder Folkert Bouwsma op Tsjerkestrjitte 13. Foar him wiene dat ûnder oaren de fervers Paulis Schuil, Albert Landstra, Hidde van der Wal en Ulke Bouwsma. Nei hjim kamen Kaspersma en De Rijke. Tine Kuiper-Twijnstra wit noch dat der in rymsin sein waard op de namme fan syn vrou Gees: "Bouwsma doch alles fergees."

Op it Aldhiem arbeide ek Baas Willem Wynia yn syn timmerwinkel. Hy hie him hjir mei Antje Strikwerda yn 1930 nei wenjen set as opfolger fan Rienk(baas) Posthumus. Yn 1908 moast de brânwar fan Tsjerkwert noch útrukke om't der in slimme brân yn de timmersaak wie. En hoewol dy net fan fier kaam, wie de saak net te rēden en barnde follein ôf. Weropbou folge. Posthumus wie trouwens ek eigner fan de skildersaak dêrneist. Sûnt 1952 húsmanne dêr Klaas de Vries en doe't dy yn 1962 nei De Berkeap ferfarde, kaam it bedriuw yn hannen fan timmerman Piet van Zuiden út Stiens, dy't der ek



*Begin jierren 70- de mole-makkers-werkpleats fan Van Zuiden. Jan Kroontje en Sietze Bakker by in roede foar in mole. Cor van Zuiden (by de kop fan de as) sjocht ta. Achteryn bonkelrêden*



molemakkerij by die mei syn betûfte molemakersfeinten Sietze Bakker en Jan Kroontje. Yn 1975 ferhuze Cor van Zuiden de saak nei de Van Panhuyswei 3.

Dêr is ek de foto hjirboppe makke. Cor en Jan binne dwaande mei de kop fan de spinnekop foar de mole fan Koudum. Ada Stel hat no yn de ferboude timmerwinkel har galery.

Op 'e Singel fine wy op nûmer 1 de eardere skilderswinkel. Mar dizze went hat in folle rikere skiednis as allinne mar fan verve en skilderskwosten. Foar 1908 wenne hjir de lapkekapman Gerrit Posthumus. Yn dit jier begûn Sipke Bakker der syn ferwinkel, opfolge troch Landstra en op it lêst yn 1949 troch Gerrit Mulder en syn vrou Klaske Deinum. De ferwinkel lei deun tsjin it tsjerkhôf oan, by it fytskôf fan eartiids. Mulder soe him úntjaan ta in grutte doarpskenner fan minsken en skiednis en hat syn krewearjen beleanne sjoen mei in



webside dy't derta doch. <sup>6</sup>  
Yn dizze lytsbuorren rinne wy troch en komme achter de tsjerke terjochte. Op it plak fan it rychje gemeente-wenten stie, oan 'e feartswâl in opfallend hûs fan trije ûnderkommens ûnder in wat skean ôfrinnend dak mei in wetterput opside wylst oan de foarkant de lege doar en de twa ruten met blinen it in skilderachtich oansjen joegen. Skyn bedriget, want it wie op't lêst "in earmoedich soadsje" en it moast ôfbrutsen wurde. It wie lykwols al in ûnder-nimmers-went, want foar wenne Tjitte Wyngaarden, keapman yn potten, pannen en diggelguod. Yn de achterste ein fan dit hûs hierde Sjerp Woudstra in keamer dêr er in winkeltsje hie yn griente en fruit. De foto is eartiids troch Tjitte Wyngaanden kocht foar in gûne, wylst de fotograaf der earst f 7,50 foar frege. Tjitte moat doe sein ha: "Sjoch, ik ha altyd al

<sup>6</sup> www.tsjerkwert.nl mei Mulder's archief

*keapman west, mar der binne hiel wat Tsjerkwerters yntippele.”<sup>7</sup>* Blykber hat der doe in strijtphotograaf in protte huzen op ‘e foto set en binne der grif noch mear bedarre yn listkes oan ‘e muorre of yn âlde fotoalbums.



Wy sjogge him op dizze foto mei syn kêde ûnderweis by de klanten lâns.

It hûs op ‘e foto gie lykwols hurd achterút en wie op ‘t lêst suver neat mear as in âld hok dat op “yndonderjen stie”. De gemeente Wonseradeel hat de boel opkocht en op dat plak fjouwer nije hierwenten bouwe litten dy’t der no noch steane. De foto hellet de âlde tiid wer eefkes werom en lit ús sjen hoe’t it derhinne lei. Op it each skilderachtich, mar de earmoedige tiid griist jin suver temjitte: de nearingdwaanden hiene it dreech want sy moasten mei in grub oantal in yn ferhâlding lytse mienskip betsjinje en dêr in stikje brea út helje. Understeande foto út de Fryske groun fan 1930 jout noch wat dûdlicher de lissing fan dizze “lange jammer” oan dêr’t ek Sjouke Lemstra en Binke Bakker wenne ha.



Wy geane mei de bocht mei op nei it Ald Hiem en bedarje dan op Singel 22. No wenje dêr Alié Mekking en Jan Kroontje mar earder stie hjir in dûbele went (sjoch



Sjoerd en Sara Buwilda -Tsjerkwerd en har bewenners yn de rin fan de tiid, Easterein 1987



de foto) dy’t troch Steef de Rijke ôfbrutsen waard om der in njî hûs mei ferverswent sette te litten. Op dit streekje siet ek boaderider Rintsje Koster dy’t mei syn frachtwine de merkdagen delried fan Boalsert, Snits en Ljouwert. Tine Kuiper wit noch dat de bankjes yn de tsjerke dêr’t sy altyd sieten “de auto” neamd waarden. Op ‘e foto sjogge wy de feewein fan Koster op ‘e Singel mei rjochts wer de foarein fan it hûs fan Tijtte Wyngaarden. Mannen as feeferfierder Koster wiene tagelyk boaderider en namen op harren reizen faak boadskippen mei foar doarsbewenners. Dat koe fan alles wêze wat yn eigen doarp net te krijen wie sa as medisinen. Dêrmei ha wy it rûntsje om ‘e tsjerke by alle ûndernimmers fan eartiids bydel west en ferfolgje wy ús kuier bylâns de trekfeart oer de Syl, nei de oar loch Waltawi neamd.

### Al dy oare nearingdwaanden

Wy binne weromkeard by de grutte herberch wêroer fierderop mear yn lossteande bydragen. De feart njonken ús hie eartiids in libben oansjen mei skûtsjes en stoombooten dy’t oer it wetter in ferbining ûnderholden tusken Boalsert en Warkum. It libjen fan ‘e wyn op de frachtskipkes en gruttere tsjalken rûn mei de komst fan stoombooten op syn ein. Boaderiders mei grutte frachtwine makken dat de skipkelju stadichoan belies jaan moasten.

Rjochts op nr. 2 wenne Lammert Stegenga. Hy wie brêgewipper en molkboer. Hy hie ek sûpe en sûpengrottenbrij te keap. Dat helle er út grutte molkbussen mei in kraan op in kroade. Dêrby wie syn vrou Dutje altyd oan it breidzjen foar oaren en se ferkocht ek jern. Op alles yn it doarp seach fjildwachter Feenstra ta. Dy wenne op nr. 4, neist de brêgewipper. Letter krige Brandt Volbeda hjir syn grientesaak. George Volbeda kaam mei moaie âlde foto’s oansetten. Grutsk lit er de foto fan de hûnekárre sjen, mei syn heit dernjonken. Hy fertelt: “Us heit wie te suteljen op nei Blauhús. Hy hie wat nijs op ‘e karre. In vrou frege nei dy frjemde oranjereade fruchten. Ut ‘e grap sei heit dat it Ingeske prommen wienen, mar it



wiene tomaten. Hy hoegde der in oare kear net wer aan 'e doar te kommen, sa lilk wie se. It smakke hielendaal net nei prommen!"



Nei ferrin fan tiid kaam der in grutte wein mei in kêde derfoar. Op 'e foto stiet omke Sjerp Woudstra by de

kêde mei Brandt neist de wein. Se hienen ek noch fouraazje en strie. Dat ferfierden se mei in âld pream, bome en yn 'e beage. It skeane hokje by it hûs wie de winkel.

Oan de Syl sweefde de swietrook fan de bedriuwkes dy't dêr sieten. De lûden mei de rook fan it beslaan fan in hynder of it seagjen yn 'e timmerwinkel wiene fertroude tekens fan warberens. Sa ek de hearlike lucht fan farske bôlen dy't fanút de bakkerswinkel de dyk opdreaune. Lofts op nûmer 5 hie Gerard Damsma in bakkerij. Dêr kamen eins allinne mar de minsken dy't ferbûn wiene oan de grifformearde tsjerke. En de skûtsjeskipper fansels mei syn takkebosken foar de ûne. Yn 1913 wie syn heit Gerrit hijir al begin. Soan Gerard folge him nei de oarloch op. Alve jier letter gie de saak ticht. Dêrneist op nr. 7 wie it postkantoar. (2e fan rjochts op de aansichtkaart hijirûnder, en Wieger de Jong as postboade op de staasjeportretfoto) Dat allinne smiet net genôch op sadat der in skuonmakkerij by útoefene waard. Michiel syn pake hie foar oan de dykit postkantoar en boppe sieten de beide soannen Rinse en Wieger te skuonmeitsjen. Mar eins makken se fan alles wat mar mei lear te krijen hie sa as it itlearbeslach fan hynstetugen. Achter it hûs wie in oanbou realisearre mei



sloopmateriaal út de Joadske tsjerke fan Warkum. Dat joech op 'e souder plak aan de skuonmakkerij. De nearingdwaanden fan doe hiene it faak net maklik. Der moasten einen ôflein wurde, te foet, mei in (bak)fyt's of karre. Rinske Bakker fertelde ús ris<sup>8</sup>.


